



UvA-DARE (Digital Academic Repository)

Frysk út Noard-Holland út de 17e iuw?

(Frisian from Holland from the 17th century; with an extensive English summary in §6)

Versloot, A.P.

Publication date

2018

Document Version

Final published version

Published in

Us Wurk

License

CC BY

[Link to publication](#)

Citation for published version (APA):

Versloot, A. P. (2018). Frysk út Noard-Holland út de 17e iuw? (Frisian from Holland from the 17th century; with an extensive English summary in §6). *Us Wurk*, 67(1-2), 1-37. [1420].
<https://ugp.rug.nl/uswurk/issue/view/4308>

General rights

It is not permitted to download or to forward/distribute the text or part of it without the consent of the author(s) and/or copyright holder(s), other than for strictly personal, individual use, unless the work is under an open content license (like Creative Commons).

Disclaimer/Complaints regulations

If you believe that digital publication of certain material infringes any of your rights or (privacy) interests, please let the Library know, stating your reasons. In case of a legitimate complaint, the Library will make the material inaccessible and/or remove it from the website. Please Ask the Library: <https://uba.uva.nl/en/contact>, or a letter to: Library of the University of Amsterdam, Secretariat, Singel 425, 1012 WP Amsterdam, The Netherlands. You will be contacted as soon as possible.

[1420] Frysk út Noard-Hollân út de 17^e iuw?

(Frisian from Holland from the 17th century; with an extensive English summary in §6)

Arjen P. Versloot

Abstract

The text known as 1643a from the corpus of early-Modern West Frisian texts is here reinterpreted as a specimen of the Frisian language that existed until the 17th century in North Holland. While it is widely acknowledged that Frisian was the language of Holland from the early Middle Ages, where it was gradually replaced by Dutch from the 9th century, the language itself was only known through indirect evidence of place names, substratum words and a few glosses. This text is the first coherent example of Frisian spoken in Holland. Although no author and/or location is mentioned, the Hollandic origin can be identified on the basis of a number of features: its place of publication (Amsterdam) and the fact that it was addressed to young women in Amsterdam; the content of the verse, describing a practice of courting common in North Holland in the 17th century; its linguistic features which are on the one hand clearly Frisian, yet differ substantially from West Frisian as attested in the 17th century; and finally because of many linguistic features associated with the Dutch dialects of North Holland in the 17th-20th century.

1. Ynlieding

Yn it korpus ier-Nijfrysk stiet in tekst mei it nûmer *1643a* (Feitsma 1956: 58-59), dy't ek opnommen is yn de Taaldatabank Frysk (Taaldatabank 1.0). It giet om in fers mei as titel "MYn Liaf is eensoo swieten dier", dat anonym ôfprinte is yn "d' Amsteldamsche/ MINNE-ZUCHJENS", in bondel lieten, printe yn Amsterdam. De tekst is opfallend om't er in soad wurden befettet dy't op dy wize yn gjin inkelde Westerlauwersk Fryske tekst foarkomme, wylst guon foarmen en wurden oerienkomsten met it Noardhollânsk sjen litte. Dat is de oanlieding om te ûndersykjen oft wy hjir net mei in fers te krijen hawwe kinne dat skreaun is yn it Frysk fan Noard-Hollân. Of-

Us Wurk, jiergong 67 (2018), s. 1-37

sjoen fan in pear hiel beheinde fragminten (Versloot 2003) en noch wat mear oan substraatwurden en âlde nammen (foar in resint oersjoch en wiidweidige diskusjes, sjoch De Vaan 2017), is der fan it Frysk bewesten it Fly neat oerlevere, wylst der gjin inkelde twivel oer bestiet dat Hollân yn de (iere) midsiuwen frysktalich wie. In wat langere, primêre boarne yn dy taal soe foar de kennis fan it Frysk dus in wichtige oanfolling wêze. De tekst dy't hjir op it aljemint brocht wurdt, is yn myn eagen in goede kandidaat foar sa'n 'Westfryske' boarne, al is soks troch 1) it missen fan de auteur en 2) it missen fan ferlikingsmateriaal net foar 100% te bewizen. Ik bin lykwols fan betinken dat dizze tekst serius beskôge wurde kin as Frysk út Noard-Hollân.¹

De tekst is yn fjouwer bondels printe, nei alle gedachten hieltyd werprintingen fan eardere boarnen. Om't de tekst net op alle punten trochsichtich is, behelje ik hjir alle evidinsje yn it besprek om sa ta in rekonstruksje te kommen. Dêrby moat folslein dúdlik wêze wat printe stiet en wat myn ynterpretaasjes binne. It artikel befettet de neikommende ûnderdielen. Earst wurde de boarnen jûn, mei in rekonstruksje en in oersetting. Yn § 3 folget in skôging oer de ynhâld en it sjenre fan de tekst. § 4 jout in diskusje fan de taal kundich nijsgjirrige gefallen op basis fan de rekonstruearre tekst yn § 2 en yn § 5 wurdt ien en oar byinoar brocht. Omreden fan it belang fan dizze fynst, wurdt yn § 6 in wiidweidige Ingelske gearfetting jûn.

In soad ferwizings komme út grutte wurdboeken en oare neislachwurken, dy't digitaal fia ynternet rieplachte wurde kinne. It giet om de folgjende wurken: Middelnederlands Woordenboek (MNW), it Woordenboek van de Nederlandse Taal (WNT) en it Wurdboek fan de Fryske Taal (WFT = Van der Veen & De Boer 1984-2011), allegear te rieplachtsjen op: <http://gtb.minl.nl/> (INT). In grutte mannichte boarnen oer it Nederlânsk en it Frysk binne opnaam yn de Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren, de DBNL: <http://www.dbnl.org/>. De ier-Nijfryske teksten binne te finen yn de Fryske Taaldatabank 1.0 (2006). Dialektmateriaal komt foar in part út de digitale ferzje fan de 'Morfologysche en Fonologysche Atalas van de Nederlandse Dialecten' (MAND: Goeman, Taeldeman & Reenen 1980).

1. Ik tankje Michiel de Vaan (Lausanne) en Liuwe Westra (Lollum) foar har suggestjes en oanfollings op benammen de ynterpretaasje fan it fers, fierders de redaksje fan Us Wurk foar korreksjes en suggestjes foar de ynterpretaasje fan it fers en de tekst fan it artikel.

2. De tekstoerlevering en rekonstruksje

2.1 De oerlevering fan de tekst

De tekst is foar it earst oerlevere yn 1643. Hy is ek opnaam yn de DBNL.² De folsleine titel fan de bondel is:

Het Eerste Deel
Van
d'Amsteldamsche MINNE-ZUCHJENS,
 op verscheyde nieuwe wijsjes/
 Door
Lievende Gheesten uyt ghestroyt.
 t' Amstelredam
 Ghedruckt voor *Aeltie Verwou*, Weduwe
Van Balthaser van Dorsten, op de Middel-Dam/
 In 't Schult-Boeck / *Anno, 1643*

It fers stiet op side 87 oant en mei 89.

Op side 216 stiet fierder noch:

t' AMSTERDAM,
 Gedruckt by *Gillis Joosten*, woonende
 Op de Heere-graft, inde Oude-Haerlemmer-sluys, 1643.

Yn de ‘Nederlandse Liederbank’ (Meertens Instituut) is te finen dat de tekst noch trije kear printe is: ienkear yn Amsterdam yn 1645, dan yn Utert yn 1649 en letter nochris yn in bondel fan 1828.³ Op p. 312 fan dy lêste útjefte wurdt útdruklik ferwiisd nei de útjefte fan 1643 (“Amsteldamsche Minnezugjens, I. bl. 87”). Yn 1906 is it fers nochris ôfprinte yn *De Vrije Fries* (Zuidema 1906)⁴; dy boarne basearret him ek op de útjefte fan 1643. Dêrom binne de lêzings fan 1828 en 1906 net apart werjûn, mar hja binne wol riedplachte om te sjen wat dy útjouwers krekt lêzen hawwe, om’t it ori-zjineel net altyd hiel dúdlik is.

Hjirûnder folget de werjefte fan de oerlevering op basis fan de trije 17e-iuwske ferzjes. Foar de ynterpretaasje is gebrûk makke fan de lêzings fan 1828 en 1906. Unwisse gefallen binne hjir skean printe en wurde hjirûnder besprutsen. Wurden mei farianten yn de útjeften fan 1645 en 1649 binne ûnderstreke yn de edysje fan 1643. Foar ûnwisse tekst yn de edysje fan 1643 wurde altyd de lêzings út de oare útjeften werjûn.

2. http://www.dbnl.org/tekst/_ams008amst01_01/_ams008amst01_01_0031.php

3. <http://www.liederenbank.nl/resultaatlijst.php?zoek=36100&actie=incipitnorm&lan=nl>

4. <http://images.tresoar.nl/wumkes/periodieken/dvf/dvf-0294-1906-20.pdf>

	Amsterdam 1643	A = A'dam 1645; U = Utrecht 1649
1	MYn Liaf is <u>eensoo</u> swieten dier /	A/U: een soo
2	Soo molle bolle Femke /	
3	<i>Jeck</i> wod' dat jeck altijet bieer wier /	A: Jeck
4	Soo <i>swiekerige</i> swiete tiemke	A/U: swiekerige
5	Dat jeck bie heer in det jeck bie heer /	
6	In det jeck / in det jeck in det jeck by heer	
7	Moecht wiesen det weer mien pejeer	
8	Mijnen <u>swiekerige</u> Moaie Lemke.	U: swiekkerige
	2	
9	<i>Tiemke</i> die isser soo grits soo net /	A/U: Tiemke
10	Soo wrats so hummel en soo schrender /	
11	Nit so meeger in nit to <i>set</i> /	A/U: fet
12	So jern jeck bie heer wender	
13	Wier jecker bie en wier jecker bie /	
14	In wier jeck / in wier jeck / in wier jecker bie /	
15	Jeck sies <u>toegen</u> heer in sie to mie /	U: toege
16	Hoe lieck sinnen wie jen ender.	
	3	
17	Wen jeck heer <u>Haus fom</u> feouren biesie /	A/U: haus som
18	Soo ken jeck mie so fermeytse /	
19	De Pocken ho stee jeck hier dus allie	
20	Sto jeck deer jeck mo <i>weijste</i> /	A/U: weijste
21	De Tioese die komt de tioese die komt /	
22	De tioese / die tioese de tioese die komt /	
23	Mien <u>moolijck</u> in mien Emmer beklet en beklont /	A/U: molijck
24	Hoe sel jeck die wieter bereytse.	
	4	
25	Femke <u>mien</u> liaf mien <u>swiekerige</u> beck /	A: mijn; A/U: smiekerige
26	Da siste so swiete tiemme	
27	Cit oppe del dijn Emmer jes leck /	
28	In leet ons 't leck <i>befemmen</i> /	A/U: besemmen
29	Wotte mie inde Stet / wotte mie inde Stet /	
30	Wotte mie / <u>wotte mie</u> / wotte mie inde Stet /	A/U: [mist]
31	Bie hin <u>in</u> bie Griet en bie Kruck en <u>bie</u> tet /	U: [mist]; U: bi
32	Wie sollen <i>tensciren</i> spieljen oppe tenge.	A/U: tensen en
	5	
33	Wen jeck deer ijn <u>ender</u> Tiemke bie <i>sin</i> /	A/U: ende ... sin
34	Jeck mecher min <i>eyws</i> om tinse /	A/U: eyws
35	Den stee jeck as of jeck jen Ochse bin /	
36	Jeck kender min <i>lievde</i> schinse	A/U: lievde
37	Meer as jeck <u>die</u> / meer as jeck bie die	A/U: bie die
38	Meer as jeck / meer as jeck / meer as jeck bie die /	
39	Ist niet as <i>bullen</i> Fleysch an mie /	A/U: bullen
40	Mit <u>siengen</u> poerten en dinsen.	U: singen

6	
41	Priencesse jer <u>mot</u> jeck alliene steen /
42	Die tiet die geet to leure /
43	Opperste sullen wie to keemer geen
44	en densen <u>mot elkeere</u> /
45	Wot de Spielman spielt / wot de spielman spielt /
46	Wot de Spie / wot de spie / wot de Spielman spielt /
47	Meer <i>Meeckijt</i> da so beus da et mie <i>ferfiet</i> /
48	So wol 'k jen met mien Mes to keere.
	FINIS.
	A/U: moet
	A/U: mot; U: elkeer
	A/U: Meeckijt; A: fersiet

Technysk kommentaar per rigel by de printe tekstferzjes op basis fan de tekst út Amsterdam, 1643:

r. 3: It is by *Jeck* net alhiel dúdlik oft der in haadletter <I> of <J> stiet. Dat jildt ek fierderop. De ynterpretaasje is basearre op parallellen mei in lytse letter dy't al dúdlik binne, dus *Jeck*, mar *In*.

r. 4: de earste <e> fan *swiekerige* is net hiel dúdlik en kin likegoed in <c> wêze. De DBNL lêst in <c>, VF1906 (= Zuidema 1906) in <e>, de ferzje fan 1828 lit him hielendal wei en skriuwt *swikerige*. Sjoch fierder de taalkundige diskusje yn 4.17.

r. 9: Der stiet in punt boppe de tredde balke van de <m>, dy't makket dat it liket as is <Tienike> bedoeld. Dat is ek de lêzing yn de DBNL. De *custode* op de foarrige side is lykwols dúdliker.

r. 11: Alhoewol't it sûnder mis *fet* wêze sil, stiet der technysk in <s>: *set*. Dat is ek de lêzing van de DBNL.

r. 20: It rym mei *fermeytse* en *bereytse* (r. 18 en 24) makket **weijtse* wier-skynliker, mar de ekstra <t> stiet der dúdlik.

r. 28: De tredde letter fan *befemmen* hat dúdlik in dwerstreekje en moat dan as <f> lêzen wurde. De DBNL lêst in <s>, VF1906 in <f>.

r.32: De print lit *tensciren* sjen – sa ek de DBNL-transkripsje. VF1906 jout sûnder kommentaar *tensen en*. It soe foar itselde kinne dat al yn de 1643-edysje der wol *tensen en* stiet, dat dan skansearre is.

r. 33: It is alhiel ûndúdlik oft der in <s> of in <f> stiet yn *sin*. Der binne twa lytse ferbredings: ien dêrfan moat in fersteuring wêze, de oare soe dat ek wêze kinne. De DBNL lêst in <s>, VF1906 in <f>.

r. 34: De <w> fan *eyws* is dúdlik, de <y> mist de ûnderste helte fan, mar de boppekant wiist dúdlik dy kant út. De DBNL en VF1906 komme ek op dizze lêzing út.

r.36: De letter <v> yn *lievde* soe ek in wêze kinne (sa ek DBNL en VF1906), mar in <v> is goed mooglik, as men ferliket mei de <w>. De letter <v> komt oars net foar yn de tekst.

r. 39: It is ûndúdlik oft der in (sa VF1906) of in <d> (DBNL) stiet yn *bullen*.

r. 44: De letter <o> yn *mot* is ûndúdlik en fersmoarge en soe ek as in <e>, mei in streekje, lêzen wurde kinne soe. Hy liket op de <o> yn it *wot* dêrnei. Sawol DBNL as VF1906 lêze in <o>.

r. 47: Der liket <Meekist> te stean, mar de foarm fan de *<s> doocht net, en kin better as in <j> mei in fersmoarging lêzen wurde, wat ek strykt mei alle oare lêzings.

De twadde <f> yn *ferfiet* kin foar itselde in <s> wêze. De DBNL lêst in <s>, VF1906 in <f>.

2.2 Rekonstruksje fan de tekst

Hjirûnder folget in rekonstruksje fan de tekst mei in oantal ferbetteringen fan gefallen dy't printflaters lykje te wêzen. Sokke gefallen steane kursyf en krije hjirûnder apart kommentaar. Wurden dy't sawol technysk as etymologysk problematysk binne, binne yn de rekonstruksje ûnderstreke.

	Rekonstruksje mei emendaasjes	Oersetting
	1	
1	MYN Liaf is een soo swieten dier /	Myn leaf is en sa swieten dier
2	Soo molle bolle Femke /	sa('n) mûtel bol famke
3	Jeck wod' dat jeck altijet biefer wier /	Ik woe dat ik altyd by har wie
4	Soo <i>swickerige</i> swiete tiemke	Sa('n) tuterige swiete Tsjamke
5	Dat jeck bie heer in det jeck bie heer /	Dat ik by har en dat ik by har
6	In det jeck / in det jeck in det jeck by heer
7	Moecht wiesen det weer mien pejeer	mocht wêze dat wie myn begear
8	Mijnen <i>swickerige</i> Moaie Lemke.	myn tuterich moai lamke
	2	
9	Tiemke die isser soo grits soo net /	Tsjamke dy is sa grutsk sa aardich
10	Soo <u>wrats</u> so hummel en soo schreuder /	sa wrâldsk(?) sa himmel en sa skrandere
11	Nit so meeger in nit to <i>fet</i> /	net te meager en net te fet
12	So jern jeck bie heer wender	Sa jerne ik by har wanderje (tahâld)
13	Wier jecker bie en wier jecker bie /	Wie ik derby en wie ik derby
14	In wier jeck / in wier jeck / in wier jecker bie /
15	Jeck sies tioegen heer in sie to mie /	Ik sis tsjin har en sy tsjin my
16	Hoe lieck sinnen wie jen ender.	Hoe lyk binne wy inoar.

	3	
17	Wen jeck heer Haus <i>fom</i> feouren biesie /	At ik har hûs fan foaren besjoch,
18	Soo ken jeck mie so fermeytse /	Sa kin ik my sa fermeitsje,
19	De Pocken ho stee jeck hier dus allie	De pokken! Hoe stean ik hjir sa allinne
20	Sto jeck deer jeck mo <i>weijtse</i> /	Stie ik dêr, ik moat weitsje
21	De <i>Tioese</i> die komt de tioese die komt /	De sûs dy komt de sûs dy komt
22	De tioese / die tioese de tioese die komt /
23	Mien <i>moolijck</i> in mien Emmer beklet en beklont /	Myn molke yn myn amer bekladdet en beklontert
24	Hoe sel jeck die <i>wieter</i> bereytse.	Hoe sil ik dy wer berikke/wieter (be)reitsje?
	4	
25	Femke mien liaf mien <i>swickerige</i> beck /	Famke myn leaf myn tuterige bek
26	<i>Da siste so swiete tiemme</i>	Do bist sa'n swiete Tsjamme
27	<i>Cit oppe del</i> dijn Emmer jes leck /	Sit rjochtop, dyn amer is lek
28	In leet ons 't leck <i>befemmen</i> /	En lit ús it lek bestopje
29	Wotte mie inde Stet / wotte mie inde Stet /	Wolste mei yn 'e stêd, wolste mei yn 'e stêd
30	Wotte mie / wotte mie / wotte mie inde Stet /
31	Bie hin in bie Griet en bie Kruck en bie tet /	By Hinne en by Griet en by Kruck en by Tet.
32	Wie sollen tensen en spieljen oppe tenge.	Wy sille dûnsje en spylje op 'e tange.
	5	
33	Wen jeck deer ijn ender <i>Femke bie sin</i> /	As ik dêr in oar famke besin
34	Jeck mecher <i>min eyws om</i> tinse /	ik mei der net ienris oan tinke
35	Den stee jeck as of jeck jen Ochse bin /	Dan stean ik as oft ik en okse bin
36	Jeck kender <i>min</i> liefde schinke	ik kin har min/gjin leafde skinke
37	Meer as jeck bie die / meer as jeck bie die	Mar as ik by dy, mar as ik by dy
38	Meer as jeck / meer as jeck / meer as jeck bie die /
39	Ist niet as bullen Fleysch an mie /	is it neat as bolleflais oan my
40	Mit siengen <i>poerten</i> en dinsen.	Mei sjongen, boartsjen en dûnsjen
	6	
41	Priencesse jer <i>mot</i> jeck alliene steen /	Prinsesse hjir moat ik allinne stean
42	Die tiet die geet to leure /	De tiid dy giet teloar
43	<i>Opperstee</i> sullen wie to keamer geen	Op 'e stee sille wy te keamer geen
44	en densen mot elkeere /	en dûnsje mei inoar
45	Wot de Spielman spielt / wot de spielman spielt /	Wat de spylman spilet wat de spylman spilet
46	Wot de Spie / wot de spie / wot de Spielman spielt /	wat de spy-, wat de spy-, wat de spylman spilet
47	Meer Meeckijt <i>da so beus da</i> et mie <i>ferfielt</i> /	Mar makket [er] dat sa 'boas' dat it my ferfeelt
48	So wol 'k jen met mien Mes to keere.	sa wol ik ien mei myn Mes te liif.
	FINIS.	DE EIN.

Technysk kommentaar by de rekonstruksje:

- r. 4, 8, 25: Der is keazen foar *swickerig* om't oeral oars dêr't in /k/ yn koadar nei in lûd komt, der altyd <ck> stavere wurdt. Boppedat – al is dat net twingend mei it each op foarmen as <jeck> foar Afr. *ik* – slút de foarm *swick-* better oan by Saansk *zwikken*, Westfrysk *swikke* 'tútsje' (Boekennoegen 2004:s.v. *zwikken*, Pannekeet 1990:s.v. *swikke*).
- r. 10: De betsjutting fan *wrats* is net dúdlik. It soe 'wrâldsk' betsjutte kinne: "op de lusten en genoegens van de wereld, aardse genoegens, het aardse, zinnelijke, ijdel genot gericht" (WFT, s.v. *wrâldsk*).
- r. 11: Yn kombinaasje mei *meeger* 'meager' is de kreative lêzing fansels *fet*.
- r. 17: *fom feouren* hat wol it measte eigenskip as dêrmei 'fan foaren' bedoeld is. De frijwat ûnferwachte <m> soe útspraakstavering wêze kinne, mei plakassimilaasje oan de neikommende /f/.
- r. 20: *weytse* is in emendaasje op basis fan it rym en op basis fan it feit dat it hjir of om in ynfinityf giet (as *mo* as 'moat' lêzen wurde kin) of in 1^o pers. iental by *jeck* 'ik'.
- r. 21: *Tioese* betsjut moolk sokssawat as 'sûs, dûze' (sjoch fierder 4.5).
- r. 23: Sawol *moolijck* as *molijck* kinne 'molke' werjaan (mei apokope en epentetysk lûd): *[mɔ(:)lɔk]. Ek de stavering mei ien <o> jout yn it foarste plak in lang lûd wer.
- r. 24: De sin *hoe sel jeck die wieter bereytse* liket soks te betsjutten as 'hoe sil ik dy wer berikke?' Der liket sprake fan in ferminging fan *reitsje* en *rikke*. Jan Althuysen brûkt soks ek in pear kear, bgl. *Nuw 't y 't Fyftigst Jyer byreytse* (1755ri09) en in Jelke Jdses Tinga fin Liouwerd (1785a) dichtet yn in promoasjefers: *Pindus hicht koe 'k noijt bereijtsen*, mar oars is it net botte gongber yn it Westerlauwerske Frysk.
De <t> yn *wieter* is nuver (Bogerman 1542 hat wol noch *weder*, it Sealtersk hat *wieder*). Faaks is in oersetting mei 'wieter' ek mooglik en dan soe *bereytse* wol 'reitsje' betsjutte, nammentlik as it gehiel fan amer en molke streekrjocht as ferwizing nei de geslachtsdied begrepen wurde en it 'wiet' ferwiist nei it wiet fan de seksuele befrediging.
- r. 26: *Da siste so swiete tiemme*. De *s-*foarm yn it paradigma fan wêze is frijwat ûngewoan yn it Frysk en Nederlânsk ferbân (sjoch § 4.16). In oare mooglikheid is de lêzing: 'do sitste sa swiet tsjin my [oan]'. Dat soe oars wol betsjutte dat wy twa foarmen foar 'tsjin' hawwe: *tioegen* (r. 15) en *tie[n]-* (r. 26). Dit liket my minder wierskynlik mar it is net ûnmooglik.
- r. 27: Ik nim oan dat *oppe del* as 'op-en-del' begrepen wurde moat en 'rjochtop' betsjut, ferl. Simke Kloosterman *Hengist & Horsa* (1976:79): "En einliks stiet Hengist rjocht op en del foar Hillnut...". 'Rjochtop sitte' soe ek passe by de lekke amer, dy't jo rjochtop hâlde moatte om net te griemen. Mei it each op it frijmoedich eroatyske karakter kin hjir ek 'neuke' bedoeld wêze, ferl. Frysk *op-en-delderje* (WFT).
- r. 28: Sawol foar *besemmen* as *befemmen* binne net fuort dúdlike ynterpretaasjes foarhannen. Yn de Taaldatabank (2006) is it wurd lemmatysearre ûnder *befiemje*. It rym freget om in koart lûd, wylst *befiemje* in lang lûd hat (Aldfrysk *ē*). Ferkoarting fan wurden mei in histoaryske lange *ē* komt yn dizze tekst oars net

foar. Ik sjoch it as in tiidwurd *befemmen*, ôflaat is fan **feem/femke* (Fryk *faam/famke*) op deselde wize as it Fryske (!) *meid(zj)e*, ôflaat fan **meid* = ‘faam’, foar it thús opsykjen fan de faam troch in mooglike frijer. Sjoch fierder § 3.2.

r. 32: *oppe tenge* = ‘op ‘e tange’, sjoch WNT, s.v. *tang^l*, betsjutting 1.b.a: ‘Men maakt met een *tang* voor de grap ”muziek” ’: “Kom Taet speel op de Tangh, en stil het Kindts geween.”. Sjoch ek Coster, *Teeuwis de Boer*: “Sy spelen op een roeste tangh...” (Coster 1627).

r. 33: Hjir liket in prakkesaasje oer in mooglik oare famke (*ijn ender femke*) te folgen. De foarmen *Tiemke* en *Femke* binne hjir moolk troch de drukker trochinoar helle, of *Tiemke* is prototypysk foar ‘famke’ brûkt.

De wurden *bie* en *sin* kinne as ien lêzen wurde: *ik ... besin*. Yn it ier-Nijfrysk betsjut it ûnder oaren ‘betinke’, bgl. “Jk kin het sijkers-wier oors neat besinne” (1722c); ferlykje ek WFT (s.v. *besinne*): “nadenken, overdenken, bedenken: *Ho liep men 't bisint, / Och, alles nimt splint*.”.

r. 34/36: Alhoewol’t de printe ferzjes dúdlik <min> hawwe, liket <nin> wierskynliker yn de sin *Jeck kender nin lievde schinse* ‘ik kin har gjin leafde skinke’, wat oanslút by de kastrearre okse yn r. 35. In ynterpretaasje mei *min* as bywurd by *ken* is lykwols ek mooglik: ‘ik bin min by steat om har leafde te skinke’. In ynterpretaasje as ‘myn’ leit minder yn’e reden om’t dat oars as <mien> of <mijn> ferskynt en it kloppet semantysk net.

Rigel 34 bliuwt ynearsten in mystearje mei it nuvere *eyws*. Sûnder emendaasje komme wy hjir net út. Dit *eyws* kin as <eyns> ‘eins’ ynterpretearre wurde mei in minimale emendaasje. De sin wurdt dan lêzen as ‘ik mei der min (= kwealik) eins oan tinke’. In logyskere wurdfolchoarder mei in better ritme soe dan lykwols wêze: **Jeck mecher ey[n]s min om tinse*. Probleem hjirby is dat *eins* in frij jonge Westerlauwerske foarm liket; yn it ier-Nijfrysk fine wy inkeld *eigentlich* (WFT: s.v. *eins*). Yn de TDB is foar de ynterpretaasje ‘ienris’ keazen. Yn de Amsterdamske teksten út de 17^e iuw wurdt ‘ienris’ skreaun as <een-/ien-/en-/inreys>, Nederlânsk *eens*. Akseptearje wy dan foar <min> de emendaasje ta *nin* dan krije wy foar <min eyws> de emendaasje **nin ereys* ‘gjin ien(ri)s’. Dy kombinaasje is yn it Frysk net grammatikaal (sjoch bgl. foarbyld 1779m hjirûnder: *net ienris*), mar yn it Nederlânsk bestiet de kombinaasje *geen eens*, Westfries *gien iensen*.

De kombinaasje *tinke om* foar ‘tinke oan’ komt yn âldere teksten wol foar, lykas yn Coster (1627): *soo denckt om my*, Burmania Sprekwurden (1614a): *soo tinse om uws aeck reijs*; 1779m: *der woe 'k [...] net ienreis om tinze*.

r. 40: De oanpassing fan *poerten* foar *boartsje* liket in frijwat grutte stap, mar in soartgelikense ‘betizing’ fan bylûden fine wy ek yn *tensen* ‘dânsje’ en *pejeer* ‘begear’. De kollokaasje fan de wurden *siengen poerten en dinsen* ‘sjongen, boartsjen en dânsjen’ fine wy hast ek sa by Gysbert Japicx yn it fers *Nyschierige Jolle en Haytse-yem*:

Drincken, keætsjen, donsjen, spijljen,

Æælljen, stjoeyen, borttjen, lijjen,

Gijzjen, gobbjen alle dey

- r. 41: Der is gjin reden om fan de foarm *mot* yn de 1643-edysje ôf te wiken. De foarm <moet> yn de oare edysjes kin maklik as oanpassing oan it Nederlânsk begrepen wurde.
- r. 43: De kollokaasje *op 'e stee* is gongber yn it Frysk en betsjut 'fuortdaliks, aansen' (sjoch WFT). As bestjurre datyf is **opper stee* goed mooglik. Ik haw dêrom yn de grûntekst in ekstra <e> oan 'e ein taheakke. *Te keamer gean* betsjut 'nei de herberch ta gean'.
- r.47: De twa gefallen fan *da* binne frijwat lestich te plak te bringen. Yn rigel 26 liket *da* 'do' te bestjuten, mar dat smyt yn rigel 47 net folle op, om't de foarm *meeckijjt* 'makket' dêr net mei strykt. Yn beide gefallen soe *da* it wurd *da[t]* wêze kinne en de foarm soe de feitlike útspraak werjaan kinne. Foar in oersetting dy't min ofte mear hout snijt, liket der in ûnderwerp by it tiidwurd te missen. *Da* betsjut yn it ier-Nijfrysk ek 'doe'.
- Op basis fan it rym, moat <fer[sf]iet> rymje op <spielt>. Dêrom jout *ferfielt* mei <ie> foar oarspronklik *ee*, in knappe ynterpretaasje. In fonologysk justjes mindere, mar semantysk al sa nijsgjirrige emendaasje is ta *ferfiert*, dus 'yn ferfiering bringt'. Dan kin it *mes* yn de folgjende rigele fallysk ynterpretearre wurde en tsjut wer op nije seksuele aktiviteit.
- Rigele 47 betsjut dan: "Mar docht [er] dat sa iverich dat it my ferfiert". Sjoch foar *beus* it WFT (s.v. *boas*) ûnder oaren: 'flink, ijverig; kundig, schrande': "*Boas yn 't wirk*, 'wakker, ijverig'. Fr.W., [1900]".

3. De útjefte- en literêre kontekst fan de tekst

3.1 De útjefte

It boekje is opdroegen oan de 'Amsteldamse Jufferen' en fierderop wurdt it boekje yn in earste fers opdroegen "Aen de Jonge Dochters. PRincessjes, die ons Amstel-Rey Met Goude glants bepeerelt [...]". De útjefte fan 1645 is opdroegen 'Aen de Amstelsche ionck-vrouwen'. As útjouster wurdt Aaltje Verwou neamd dy't earst trouw wie mei Balthasar Crijnen van Dorsten en letter mei Jacob Lescaille, dy syn woartels yn Genève leinen.⁵ Der is mei oare wurden neat dat wiist op in Fryske link en de teksten binne ornearre foar Amsterdamse lêzers (Grijp 1992:37). It fers sels is sûnder ûndertekening of lykfal hokker kommentaar.

3.2 Ynhâld

It liet dat songen wurde kin op de meldij 'Labour de France' bestiet út 6 fersen. Yn it earste fers besjingt de dichter hoe mâl oft er mei syn Tjemke is en dat er altyd by har wêze wol. Yn fers twa beskriuwt er har kwaliteiten en fernijt dat se, at se byinoar binne, elkoar de leafde ferklearje. Yn fers trije

5. https://www.wikiwand.com/nl/Jacob_Lescaille (4-1-2018).

stiet er foar har hûs te wachtsjen, mar hy stiet allinnich en mei der (blykber) net yn (sjoch ek it besprek fan *kweesten* hjirnei). Hy rekket yn ‘e sûs (*tioese*) en de molke yn syn amer bedjert wat in metafoar wêze kin foar in ûnbe-fredige seksuele langstme. It begjin fan it folgjende fers is wat ûndúdlik. De faam hat ek in amer, dy’t lek is, wat in frijwat direkte seksuele taspiling liket. De betsjutting fan de ‘amer’ en de ‘molke’ yn fers 3 en 4 wurdt dúdlik yn it suver pornografyske fers ‘Een nieuw minne-lied’ yn it anonime *De vrolyke openhartige minnaar* (1795:80-81).⁶ Dêrnei wol er de faam mei hawwe de stêd yn om te dûnsjen en te boartsjen. Yn it fyfde fers lit er yn him oamgean om in oar famke te nimmen, mar by in oar sil er sa ymptint as in okse wêze, wylst er by syn faam ‘bolleflis’ hat. Yn it lêste fers klaget er wer dat de tiid ferlern giet en freget er har nochris om mei nei de herberch ta (*to keemer*). Dêr spilet de spylman, mar at him dat langer net sinniget, dan sil er dy mei syn knyft te liif. Dêrmei hâldt it hiele ferhaal dan ek samar op, sûnder in dúdlike ein (mar ferlykje it kommentaar by r. 47 yn § 2.2).

It giet hjir dúdlik om in eroatysk leafdesfers dat moolk slacht op it sa-neamde *queesten*, dat yn in justjes oare foarm yn Fryslân bekend wie as ‘nachtfrijen’ of ‘meid(z)en’. Fierderop wurde twa leksikale ferbannen fan it fers mei dat brûkme beskreaun. Yn Dardanelli's (1683) *Historie der queesters, op de noorder eilanden van Holland gebruikelik* wurdt it brûkme beskreaun foar de Noardhollânske eilannen Flylân, Tessel, Wieringen en Hûsdunen (Haks 1985:111-2): “De ‘kweester’ vroeg in een nachtelijk bezoek bij het raam van de kamer van het meisje of hij binnen mocht komen en bracht als hem dit werd toegestaan de nacht met haar op bed door.” Dit brûkme is werom te finen yn de tredde strofe (yn oersetting): *As ik har hûs fan foaren besjoch, dan kin ik my sa fermeitsje*. Soks kin tagelyk ek figuerlik bedoeld wêze en tsjutte op it sjen nei de boarsten fan de faam. De frijer beklaget him oanslutend dat er bûten wachtsje moat: *De pokken! Hoe stean ik hjir sa al-linne*.

Wy krije hjir de yndruk dat it om in Noardhollânsk gebrûk gean soe, mar Haks (1985:112) meldt it gebrûk ek út Amsterdam en Staphorst en wy wite dat it yn in beskate foarm ek yn Fryslân foarkaam. By Minssen (1854:151) wurde nachtlke besiten by de faam op ‘e keamer ek beskreaun foar it Sealterlân en hy ferwiist nei soartgelikense brûkmen yn Switserlân en Eastenryk, al stelt Minssen dat soks pas barde nei’t de ferkearing oanrekke wie. It

6. Bygelyks yn de beskriuwing fan de geslachtsdied: “[...] 't Uyer gink op ende neer, / En haer Emmertj' heen en weer. / De Melk kwam op 't laest zo veer, / Dat 'er Emmer ging over loopen; [...]”
http://www.dbnl.org/tekst/_vro015vrol01_01/_vro015vrol01_01_0041.php

nachtfrijen koe ferskillend fan ynhâld wêze. Scheltema (1832:52-72) beskriuwt it *nachtfrijen* of *meiden* foar Fryslân as in foech ‘jûnpraten’, dêr’t de frijer en syn faam noch opsitte yn ‘e keamer of koken as de âldelju har weromlûke op bêd. Soks wie yn Noard-Hollân yn de 19e iuw neffens Scheltema ek it gefal. Hjir is dus, oars as by it *kweesten* en de sitewaasje yn it Sealterlân, net sprake fan in besite by de faam op ‘e keamer.

Scheltema (1832:59-61) hellet oare ynformanten oan, dy’t it *kweesten* beskriuwe op de Noardhollânske eilannen. Dêr is sprake fan in rútsje dat iepen stie (it saneamde *lek*, sjoch hjirûnder) en de frijer de mooglikheid joech om by de faam op har keamer op bêd te kommen. It liket der dus sterk op dat yn it fers it brûkme fan it *kweesten* beskreaun wurdt sa’t dat foar de 17e iuw yn noardlik Noard-Hollân beskreaun wurdt. Yn de twadde helte fan de 17e iuw wie it beheind ta de noardlike eilannen, mar yn de iere 17e iuw kaam it ek súdliker wol foar oant it Ye (“in de Noorder-quartieren gebruyckelick”), dat wy kinne dit net mei wissichheid brûke foar in neiere lokalisaasje fan it fers binnen Noard-Hollân. Ik kin fierders ek net útslute dat de foarm mei de nachtlke temûke besite oan de faam ek yn (parten fan) Fryslân yn de iere 17e iuw bestie.

De ûnderskate boarnen rinne útinoar oer de mjitte fan yntimiteit, mar it seit himsels dat it yn sokke nachtlke besiten net altyd by hantsjehâlden bleau. It fers stiet yn alle gefallen fol mei wurden dy’t in seksuele konnotaasje hawwe of gewoanwei as metafoaren foar seksueel ferkear brûkt wurde. Yn rigel 28 is sprake fan ‘*t leck befemmen* (A’dam 1643) of *besemmen* (A’dam 1645 en Utert 1649). It wurd is oars net werom te finen en beide komme yn de DBNL inkeld hjir mar foar. Mooglike Nederlânske kognaten **bevammen*, **bezammen* binne der ek net, ek net yn wurdboeken fan Noardhollânske dialekten. Der is in ynterpretaasje fan *befemmen* mooglik, dy’t streekrjocht ferbân hâldt mei it *kweesten*. In *lek* skynt in oantsjutting te wêzen fan it rût dat de faam iepen stean lit, sadat de frijer der nachts yn kommen kin, sa’t dúdlik wurdt út it folgjende sitaat yn it WNT, s.v. *lek*^{II}, dat wer helle is út Dardanelli (1683):

Op de volgende plaats in oneig. gebruik: *Doe de Dochter het soo verre gebracht hadde* (t.w. dat zij alleen op eene kamer sliep), *was het geklonken, ende de Queester quam op dat lek aan, wierde ingelaten enz.*, Hist. d. Queesters 270.

It is hiel goed mooglik dat ‘lek’ fan de faam hjir ek noch in kear seksueel begrepen wurde kin.

Opfallend is dat de besite oan ‘e faam yn it Frysk *meid(zj)e* hyt, dus in

denominaal tiidwurd fan in Frysk oars net bestoand **meid* ‘faam’. Yn 1643a is in ‘famke’ in *femke* en ‘faam - fammen’ is yn it dialekt fan dit fers nei alle gedachten **feem* - **femmen*. In denominalisaasje fan dat grûnwurd soe dan **femmen* opsmite, dat deselde betsjutting hie as Frysk *meid(zj)e*. *Befemmen* kin dan in ôflieding wêze fan dat net attestearre **femmen* yn de trant fan *beminskje* of Ndl. *bemannen*. Moolk is er ek in relaasje of in bewuste asosjaasje mei *fiemelje*, *fommelje*, Saansk *fummelen*. De kollokaasje ‘*t leck befemmen* betsjut dan soks as ‘it lek (= it iepen rût) stopje (= brûke om trochhinne te krûpen) troch it meiden’.

It ‘spyljen op ‘e tange’ (r. 32) komt yn de 17^e iuw faker foar lykas yn it neamde sitaat út Coster en de sitaten yn it WNT, s.v. *tang*¹. Neffens de omskriuwing yn it WNT giet it om gekjeiend in soad leven te meitsjen troch mei in tange op bygelyks potten te slaan, sa’t ek bliken docht út it sitaat by Coster: “Sy spelen op een roeste tangh, / En drillen opt ghebom van't schot of rommel pot.” Opfallend is dat de tange ek wer in rolle spilet yn in frijerij brûkme yn Westfryslân (Scheltema 1832:56): “[...] wanneer de dochter naar de tang tast, dan erlangt de vrijer een genoegzaam berigt, dat hij geen hoop heeft, om in zijne wenschen te slagen.” Dat is net de kontekst fan it wurd *tenge* yn it fers, mar it soe der wol in yndirekte ferwizing nei foarmje kinne.

De kombinaasje fan it wachtsjen foar it hûs fan de faam – dat op himsels universeel is – en de spesifike wurden (*be*)*femmen* tegearre mei *lek* yn in spesjale betsjutting makket it yn myn eagen wierskynlik dat yn dit fers it brûkme fan it *kweesten* beskreaun wurdt, sa’t dat foar de 17^e iuw yn de foarm fan in nachtlige besite oan de faam op de keamer benammen foar it noarden fan Noard-Hollân (Westfryslân en de (eardere) Noardhollânske eilannen) beskreaun is. De referinsje oan de ‘tange’ soe dêr ek by oanslute.

3.3 Styl en literêre dwersferbannen

It frijmoedige seksuele karakter fan it fers liket net sa hiel bot te passen by sawol it publyk (jonge froulju) as de rest fan de bondel. It is ek it iennichste fers yn it Frysk. De rest fan de teksten is benammen yn it Nederlânsk, mar der binne ek teksten yn plat-Amsterdams te finen, lykas ‘Jan Gortendelders, coddige Vrijagie’ fan P. Dubbels (Saeghman 1643:16-18) en der is ien tekst dy’t yn in foech Dútsk skreaun is. Mar ek sokke teksten bliuwe fetsoenlik. Pieter Dubbels is mei 22 fan de 48 net-anonime stikken de fierwei produktivste skriuwer fan de bondel. De man is berne yn Amsterdam yn 1625 en is nei alle gedachten dêr ek ferstoarn, earne nei 1671 (Frederiks & Branden 1888) en is dus net in foar de hân lizzende boarne fan it Fryske stik. Itselde

jildt foar de oare auteurs dy't te plak brocht wurde koene. Dat, der is net in foar-de-hânlizzende potinsjele auteur foar it anonime Fryske fers.⁷

It Dútske stik, “Das was ein langen swangen bast” (Saeghman 1643:141-143), is skreaun yn in foech Leechedútsk mei Heechdútske eleminten, sa't yn de titel ek te sjen is. Sa'n taalhybridisearring yn it Dútsk soe ek fan ta-passing wêze kinne op it Fryske stik. Dat smyt foar tekst 1643a twa hypotezen op: it giet om Westerlauwersk Frysk mei ‘brike’ Hollannismen of (plat-)Hollânsk mei sabeare frisismen deryn omstruid. It taalkundige karakter fan it fers wurdt yn detail yn paragraaf 4 behannele, mar ik kin hjir wol alfêst sizze dat net ien fan beide hypotezen yn myn eagen oanslút by de skaaimerken fan it fers: der sitte te folle eleminten yn dy't net 17e-iuwsk Hollânsk en ek net 17e-iuwsk Westerlauwersk Frysk binne.

De kar foar it Frysk – at it no echt Frysk is of in foech persiflaazje – soe wolris ferklearre wurde kinne troch de ynhâld fan it fers. De auteur gong der blykber fanút dat (hast) net ien syn skriuwsel begripe soe en sa koe it bedarje yn in oars frij keurige bondel mei lieten foar de ‘Amsteldamse Jufferen’. In nijsgjirrige parallel foar sok ferhoaljend brûken fan in frjemde taalfarieteit binne twa koarte “taalproeven” fan it Skiermûntseagersk dy't yn 1839 yn ‘e fierders och sa fatsoenlike ‘Vrije Friesch’ opnommen binne en neat oars wiene as twa goare mopkes (Dyk 2005:168).

As it giet om de oarsprong fan it fers en mooglike ferbannen mei oare stikken, dan falt op dat men by it lêzen fan de earste strofe suver in echo fan Gysbert Japicx (GJ) syn *Friessche Tjerne* fan 1640 yn ‘e earen hat:


1643a	Gysbert Japicx
Myn Liaf is een soo swieten dier /	Hilla! het Famke siogh ick dear?
Soo molle bolle Femke /	't Js Yntske Widmers, Swiete ljeave Djear ,
Jeck wod' dat jeck altijet bieer wier /	Yntske Lieaf , wier hinne?
Soo <i>swickerige</i> swiete tiemke	Dock<->en Hert allinne!
Dat jeck bie heer in det jeck bie heer /	Jck haad dy Silschip, Bout, is 't dijn bejear ?
In det jeck / in det jeck in det jeck by heer	[...]
Moecht wiesen det weer mien pejeer	Swiet, oer- swiete Famke ,
Mijnen <i>swickerige</i> Moaie Lemke .	Ljeaf, ijn-ljeave Lamke

Men soe oannimme kinne, dat dy oerienkomst op in Westerlauwersk komôf wiist, want it leit minder yn ‘e reden dat ien yn Noard-Hollân al yn 1643 krekt oan de *Friessche Tjerne* referearje soe. Tagelyk kin fêststeld wurde

7. It oplossen fan it auteurskip sil ek net sa maklik wêze. Argiven fan de útjouwer binne der net en in komputasjonele analyze fan stylskaaimerken fan it stik is net maklik om't it stik yn it Frysk is en inkeld ferlike wurde kin mei Nederlânsktalich materiaal. Mei tank oan myn UvA-kollega's fan histoaryske letterkunde, Lia van Gemert en Jeroen Jansen.

dat dit frij stereotyp idioom is foar in leafdesfers út dy tiid. De konstruksje mei ‘swiet’ en ‘dier’ is ek frij gongber by oaren yn Fryslân en Hollân:

1643a: *Myn Liaf is een soo swieten dier,*
 J. Vlitius (1643): *Dat swiete djear.*
 Anonym (1795) *Meijsje sprak hij, zoete dier*



Figuer 1: relative frekwinsje fan de kollokaasje *s/zoete dier* yn Nederlânsktalige poëzij tusken 1600 en 1900, basearre op de data yn de DBNL.⁸ De swarte line jout de rinnende trochsneed wer, de grize punten de wearden per jier.

Dit wurdt nochris yllustrearre mei figuer 1. Dy lit sjen dat it brûken fan de kollokaasje *soete dier* om 1635 hinne wakker yn ‘e moade wie. Gysbert Japicx is yn 1640 datoangeande earder in folger as in trendsetter. Fierders hawwe hast alle 25 gefallen fan *lamke* yn it ier-Nijfrysk as rymwurd *famke*, dat sa bysûnder is dat ek net. Ek it rymjen mei ‘begear’ fine wy rûnom yn de 17e iuw yn Hollân, lykas yn: *Houdt gy nog langer van wagten, Schoonste kom doet mijn begeer* (De nieuwe vermeerderde Haagse joncker, of 't Amsterdamse salet juffertje fan 1717).⁹

Alhoewol't der frijwat oerlappingen yn de beide fersen binne, giet it dêrby nei alle gedachten om stylfigueren dy't yn it Nederlânsk fan de 17e iuw tige gongber wiene en dêr't Gysbert Japicx, as bern fan syn tiid, ek net frij fan wie.

8. Data út de DBNL-Ngramapplikaasje: <http://www.dbnl.org/zoek/ngram.php>

9. http://www.dbnl.org/tekst/_nie148nieu01_01/_nie148nieu01_01_0010.php

Oer it ginneraal makket it fers net de yndruk fan in lokaal folkslietsje, mar in fers makke troch ien dy't bekend wie mei de literêre konvinsjes fan syn tiid. Dat docht ûnder oaren bliken út it brûken fan it wurd *Priencesse* as oansprekfoarm fan de faam, in konvinsje út de Rederikerstradysje (WNT, s.v. *prinses*). De meldij 'Labour de France' komt yn it Nederlânske (en Fryske) taalgebiet ek pas sûnt de 17e iuw foar, wat ek pleitet foar de ynterpretaasje fan it fers as in nij, literêr produkt en net in tradisjoneel folkslietsje.¹⁰

4. It taalkundich karakter fan it fers

It fers is sûnder mis Frysk. Dat docht bliken út in hiel soad ferskynsels. Hjir ûnder komme in pear foarbylden. Nei-inoar steane de foarm yn it fers, de Westerlauwersk Fryske foarm en it Nederlânsk (yn prinsipe beide yn de moderne standerttaalfarm). Yn al dy gefallen steane de Hollânske fariëteiten, yn it bysûnder út de 17^e iuw, oan de kant fan it moderne Nederlânsk:

- Fonology: *liaf* – *leaf* < *ljeaf* – *lief*; *swiet* – *swiet* – *zoet*; *sies* – *sis* – *zeg*; *fermeitse* – *fermeitsje* – *vermaken*; *ochse* – *okse* – *os*, *moolijck* – *molke* – *melk*, *schinse*, *tinse* – GJ *schinse*, *tinsse* 'skinke, tinke' – *schenken*, *denken*.
- Morfology: (*da*) *wotte* – (*du*) *wotte* (17^e/18^e) – *wilt*; *spieljen* – *spylje* – *spelen*; *lemke* – *lamke* – *lammetje*
- Leksikon: *femke* – *famke* – *meisje*; *hummel* – *himmel* – *proper*.

It is dus net ûnferwachts, dat it stik as 'Frysk' yn de Estrik mei Fryske stikken út de 17^e iuw (Feitsma 1956) bedarre is en dêrwei yn de Taaldatabank 'Midfrysk'. Tagelyk befettet de tekst in hiel soad foarmen dy't yn net ien Fryske tekst út de 17^e of 18^e iuw foarkomme. In hiel grut part fan de foarmen is fierder sa algemien of krekt sa bysûnder, dat se yn elke tekst yn in fariant fan Frysk of Nederlânsk, dat yn it noardwesten fan de Lege Lannen yn de 17^e iuw praat waard, te ferwachtsjen binne, lykas *dat*, *bolle*, *in* 'en', *moecht* 'mocht', *heer* 'har', ensfh.

Utgeande fan de observaasje dat dizze tekst op de ien of oare wize 'Frysk' is, mar tagelyk in hiel soad wurden en wurdfoarmen befettet dy't yn it korpus fan Fryske teksten út it tiidrek 1550-1800 net oerlevere binne (likernôch 40% fan de 176 types yn de tekst), sil hjir de klam lizze op in ynterpretaasje fan dat lêste skift fan foarmen: at se net Westerlauwerk Frysk binne, wat binne se dan al? Om't de tekst printe is yn Amsterdam, is de meast foar de hân lizzende hypoteze dat wy hjir te krijen hawwe mei in tekst

10. <http://www.liederenbank.nl/resultaatlijst.php?zoek=4895&actie=melodienorm&sorteer=jaar&lan=nl>

skreaun yn it Frysk fan Noard-Hollân, sa't dat op guon plakken, lykas moolk yn Wetterlân (*Waterland* boppe Amsterdam) yn de 17e iuw noch praat waard (Versloot 2003). De ferwachting is dêrom dat wy oerienkomsten fine mei de tradysjonele Noardhollânske dialekten, dy't optekene binne yn boarnen as Van Ginneken et al. (1954), Boekenoogen (2004), Pannekeet (1990, 1995), mar dy't ek te finen binne yn teksten fan bygelyks Bredero (1616), Coster (1627) en Tegnagel (1642), Amsterdammers dy't guon fan har personaazjes de sprektaal fan dy tiid prate litte. Teksten fan dy 17e-iuwske auteurs binne te finen yn de FA-Taaldatabank, dielkorpus 'Hollands'. By sokke oerienkomsten kin it oan de iene kant gean om Fryske relikten yn it Hollânsk, oan de oare kant meie wy derfan útgean, dat it Frysk sa't dat yn it begjin fan de 17e iuw yn Noard-Hollân noch praat waard ek skaaimerken mei it Hollânsk dielde. Fansels moat ek sjoen wurde nei it bytsje oan Frysk út Hollân dat bekend is út de 17e iuw en dat gearfette is yn Versloot (2003).

In mooglikheid dêr't wy ek fertocht op wêze moatte, is dat it stik skreaun is troch ien as Starter of Vlitius, ien dy't niget oan it Frysk hie, mar fan net-Frysk komôf wie en sadwaande moolk in breklik Frysk mei in soad Hollan-nismen skreaun hat. Foar in goede beoardieling sil dêrom mei de folgjende farianten ferlike wurde:

1. It Frysk fan 17e-iuwske auteurs lykas Gysbert Japicx (GJ) (1640/1668) of fan de Burmania-sprekwurden (BSw) (1614);
2. It Frysk fan Starter en Vlitius;
3. It Frysk út de Súdwesthoeke, benammen fan plakken lykas Hylpen, Molkwar, Warns, Warkum en Makkum, dy't yn earder tiid frijwat ôfwikende dialekten hiene;
4. Al it oare Frysk út de 17e en 18e iuw; it WFT dat it Frysk tusken 1800 en 1975 beskriuwt kin in weardefolle oanfolling foarmje;
5. It âldere Noardhollânsk út niisneamde histoaryske literêre en dialektologyske boarnen;
6. De pear wurden dy't oant no ta as Frysk yn Hollân yn de 17e iuw identifisearre binne (Versloot 2003:37).

Dit artikel konsintrearret him op bysûndere foarmen en mooglike evidinsje foar it komôf fan de tekst. Tenei wurdt mei 'Frysk' it Westerlauwerske Frysk bedoeld en benammen it Frysk út de 17e iuw. Westfrysk slacht op it Nederlânske dialekt út de kop fan Noard-Hollân.

4.1 <ie> foar /i(:)/

In algemien opfallend ferskynsel yn de tekst is de wizânsje om de histoa-

ryske /i(:)/ as <ie> te skriuwen, wat út it Hollânske perspektyf wei past (mei <ie> foar [i]), mar net út it Fryske. Foarbylden yn de tekst binne *wie, mie, lieck, spieljen, tiet*, ‘wy, my, lyk, spylje, tiid’. Soks is in grutte útsûndering yn Fryske teksten út dy tiid, al komt it wol foar. Sels by Hollanners as Starter en Vlitius is soks seldsum; it iennichste gefal by har is *die* ‘dy’.¹¹ It omkearde komt ek in kear foar: *ijn* ‘in, ien’, oars *een, jen*. De skriuwer fan ús fers wie dus net botte bekend mei de wizânsje datoangeande yn Fryslân of der wie sprake fan in algemiene fertwilûding fan de histoaryske Afr. *ī* (tink ek oan de moderne Wlfr. útspraak [ti·ət] foar *tiid*, sjoch ek 4.4.).

4.2 <e> foar /a/

In hiele rige wurden hat in <e> (/ɛ/) yn wurden dy’t yn it ier-Nijfrysk en Nederlânsk mei in /a/ ferskine. Foarbylden binne: *den, det, densen, emmer, femke, ender, lemke, mech, tenge, tiemke, wen, wender* foar ‘dan, dat, dansen (Nl.), amer, famke, ander (Nl.), lamke, mag (Nl.?), tange, Tsjamke, wann(ear), wanderje’. Opfallend is dat yn guon gefallen it Nederlânske wurd in better referinsjepunt foarmet, lykas by *ender* < *ander*. Wy fine hjir net it Fryske *oar* en ek net it Nh. *aar*. Net ien fan de wurden hat in <e> yn it korpus 17e-iuwsk Amsterdamsk. Starter brûkt yn syn ‘Friesch Pastorel’ (1621a) de foarmen *te wændre* ‘te wanderjen’ en *ferændre* ‘feroarje’.

Yn ‘dan’ en ‘wannear’ is de foarm mei <e> frij gongber yn de 17^e iuw en komt dy ek by Gysbert Japicx foar; mar ‘wannear’ nea sûnder *-ear*. Yn it wurd ‘dat’ binne de foarmen mei <e> yn it Frysk beheind ta it dialekt fan Makkum, wylst Hylpen *dot* < **det* hat. Starter en Vlitius ha inkeld mar <dat>. De foarm *femke* komt allinnich in kear by Vlitius foar en dêrnêst noch ien kear as *fæmke* yn in tekst út 1741 (moolk omkriten Frjentsjer). De oare neamde foarmen mei <e> binne út Frysk perspektyf wei unyk foar dizze tekst. It ferskynsel as sadanich is oars net alhiel ûnbekend. Yn it Makkumer Frysk fan de 18e iuw komme foarmen foar as: *herk* ‘harkje’, *zwert* ‘swart’, *mekke* ‘makke’, *mecht* ‘macht’, *necht* ‘nacht’ (Brouwer 1965:56). It Hylpersk hat foarmen as *hezze* ‘hazze’, *nemme* ‘namme’, *herkje* ‘harkje’, al wurdt dêr lang net elke koarte /a/ ta /ɛ/ (Boer 1950:61). *Nemme* foar ‘namme’ fine wy ek yn de taal fan Molkwar en Warns yn de 18^e iuw werom.

De Vaan (2017:203-5) wiist op gefallen mei /ɛ/ foar /a/ oan de Saan, mar yn it Westfrysk komme sokke gefallen ek foar (Pannekeet 1995:57). Opfallend is dat útsein *det* en *beklet* alle foarbylden yn it fers foar of nei in nasaal

11. Foarmen as Vlitius *siecken* ‘sykje’ en by Vlitius en Starter *friesk* ‘Frysk’ kinne in /i.ə/ werjaan (Aldfrysk *sēkia, frēs(is)k*).

of labiaal steane en kontrastearje mei de *a* yn *altijet*, *alliene*, *as* ‘altyd, allinne, as’. Foarbylden yn it Saansk en it Markers binne de funksjewurden: *den*, *det*, *wet*. De Westfryske gefallen binne benammen te finen yn de kontekst foar *-r*, lykas yn *erm* ‘ earm ’ (subst.& adj.), *werm* ‘waarm’, *kerremelk* ‘sûpe’ (Ndl. *arm*, *warm*, *karnemelk*).¹² De foarm *wet* komt ek foar yn de oare snipels 17e-iuwsk Frysk út Noard-Hollân.

Alles mei-inoar kin fêststeld wurde dat de gefallen fan <e> foar /a/ in ferdieling sjen litte dy’t sawol yn omfang as yn leksikale besetting fan it Frysk fan de 17^e iuw ôfwykt, sels fan dat fan Hollanners dy’t Frysk skriuwe. It ferskynsel fan /ɛ/ foar /a/ is lykwols oan beide iggen fan de Sudersee te finen (Makkum, Hylpen, Westfryslân, oan de Saan en yn Wetterlân), al binne de fonologyske kondysjes en leksikale distribúsje net oeral gelyk. Opfallend binne wol Starters *wændre* en *ferwændre*.

Parallel oan de ûntjouwing fan de koarte lûden binne ek Afr. /a:/ en Afr. /a/ yn iepen wurdlid ferhege ta /e:/: 1643a *geen*, *keemer* < Afr. *gān*, *kamer*, Wlfr. *gean*, *keamer*. Dizze oergong ferrint parallel oan de oergong fan Mndl. /a:/ > /e:/ yn Noardhollânske dialekten (Versloot 2012). Foarmen as *geen*, *keemer* komme ek foar yn it Molkwarders fan de 18e iuw.

4.3 <ie> foar /e:/'

De tekst hat in oantal gefallen mei <ie> foar in, benammen Nederlânske, /e:/: *allie(ne)*, **ferfielt*, *wies*, Nl. *alleen*, *verveelt*, *wezen*. De foarm *allien* fine wy ek by Tengenagel, mar noait yn it ier-Nijfrysk. It tiidwurd *ferfele* komt yn it ier-Nijfrysk pas yn 1748 foar it earst foar (Tengenagel hat *verveelen*). De ynfinitiven en doelfoarmen fan ‘wêze’ hawwe yn it Frysk altyd in /ɛ(:)/, noait in /e:/ of /i.ə/ (Bredero e.o. *wesen*, *wezen*). It brûken fan <ie> foar /e:/ is oars wol gongber by de 17e-iuwske auteurs út Amsterdam (ferlike mei it Nederlânsk), lykas yn *bien* – *been*, *berdiel* – *bordeel*, *miest* – *meest*, *biest* – *beest*. De gefallen fan <ie> foar /e:/ strike dus better mei it âldere Noardhollânsk as mei it Frysk; feitliks is net ien fan de neamde trije gefallen yn it fers as ‘Frysk’ ynterpretearber.

4.4 <je> foar /i/'

De tekst befettet guon gefallen mei <je> foar in histoaryske /i/: *jeck*, *jen*, *jes* ‘ik, hin(ne), is’. Benammen *jeck* komt faak foar, wylst nêst *jes* ek in pear

12. It Westerlauwerske Frysk hat foar *-r* krekt in feroaring de oare kant út: Afr. *hert* (Ndl. ‘hart’) > *hart* (njonken *hert*), (M)ndl. *hersens* > *harsens*, Afr. *kere* > *kar*, Afr. *ferve* > *farve* (njonken *ferve*).

kear *is(s)* foarkomt. Dêrnêst is der noch in gefal <ie> dat foar /jɛ/ liket te stean: <tiemke> dat op <Femke> rimet. Ek by *altijet* kin min jin ôffreegje oft hjir net in útspraak *[altjɛt] bedoeld is. In foech ‘brutsen’ foarm fan ‘ien’ is te finen yn *jen (ender)* ‘in(oar)’ (r. 16) en fan ‘hjir’ yn *jer* (r. 41). Alhoewol’t brekking krekt wat Westerlauwersk Frysk is, passe dizze gefallen net by it Frysk fan de 17^e iuw. GJ en BSw hawwe *ick, hin, ien/in oor, hier* en *iz/is*. Brekking sjogge wy pas yn ‘e 18^{de} iuw en komt boppedat yn it Frysk yn wurden as *ik, hin* en *is* hielendal net foar. Yn in wurd as ‘hjir’ is it âldste ûndûbelsinnige gefal fan brekking út 1711: *hjir*, 1708 in kear *hjer*. Gefallen mei ditsoarte brutsen lûden misse ek yn it korpus fan Amsterdamske auteurs út de 17^e iuw.¹³ It Hylpersk hat wol in [i] < let-OF /i:/ yn ‘ik’ en ‘is’, mar hat gjin brekking.¹⁴ In alternative ynterpretaasje soe wêze dat <je> hjir in anlautfariant is fan de <ie> en stiet foar [i:] of [i:ə] (dat lêste dan út eardere /i:/). Yn dat gefal binne de foarmen *jeck, jes* histoarysk-fonologysk streekrjocht ferlykber mei de Hylper foarmen.¹⁵ Foar in ynterpretaasje as /jɛ/ pleitet yn myn eagen it kontrast tusken *hier* (r. 19) en *jer* (r. 41), beide ‘hjir’. Yn de foarm *jer* is de /h/ weifallen. Allinnich as it lûd <je> is, wurdt de /h/ net stavere, krekt as yn *jen* ‘hin’, oars wurdt er altiten skreaun, bgl. *heer* ‘har’ (passim), *hin* ‘Hinne’ (r. 31). Krektsa wurdt de histoarysk /h/ yn it Frysk foar /j/ net mear útsprutsen: *hjir, hjoed, tsjin hier, heine*, ensfh. As <je> inkeld in staveringswizânsje is foar /i(:)/ of /i:ə/ oan it wurd begjin, soe der gjin reden wêze om *jen* en *jer* te skriuwen, om’t dy foarmen gewoan mei <h> begjinne soene. It feit dat *jer* en *hier* nêstinoar foarkomme en dat in wurd as *tiemke* rimet op *Femke* (r. 2, 4) tsjut der wol op dat de alternânsje [i:ə] ~ [jɛ] allofoanysk wie.

4.5 monoftongen en diftongen: *tioese, haus, siengen*

It wurd *tioese* folget op de opmerking dat de ik-persoan ‘moat weitsje’: mar no komt de *tioese* en is syn molke bedoarn. Kwa betsjutting soe soks as

-
13. Van Ginneken et al. (1954) sjogge allegear brekkings yn net-attestearre foarstadias fan benammen it Volendamsk. Faaks hawwe se mear gelyk hân as dat it sa yn earste opslach liket.
 14. De koarte [i] is nei alle gedachten it resultaat fan ferkoarting fan [i:], dy’t wer it resultaat wie fan *anlaut*-rekking. Dy lange /i:/ waard letter ferkoarte, krekt as de histoaryske /i:/ (ferlykje fierder De Boer 1950:71, Hoekstra 2001:725).
 15. In foarm as <jets> foar Nederlânsk *iets* komt foar yn de DBNL, benammen yn de 17^e iuw, mar ek dan makket er net mear as 2% fan alle foarmen fan ‘iets’ út. De stavering <yets> is dan folle gongberder, yn de earste helte fan de 17^e iuw sels oer de 50% yn poëzij (<http://www.dbnl.org/zoek/ngram.php>).

Frysk *dûze* ‘sliep, sûs’ aardich útkomme. It Frysk hat mei /t/: *tûzelsinnich*, ‘dwyf (yn ‘e holle), NI. ‘duizelig’. By Böning et al. (1998) wurdt *tüseln* neamd ‘wirbeln’ mei *sik enen antüseln* ‘sich betrinken’. Yn it Nederlânske *duizelen* en *doezelen* komme de twa betsjuttings dy’t ek yn it Fryske *dûzje* en *dûzelje* sitte, byinoar. De foarm *tioese* liket op in Afr. **tiūs-* werom te gean, wylst *dûze* en *tûzel-* op **-d/tūs-* weromgeane.

It is oars net ûnmooglik dat wy hjir mei in bysûndere ûntjouwing fan de *ū* te krijen hawwe. Der binne yn tekst 1643a mear bysûndere ûntjouwings op it mêd fan diftongearing en monoftongearing yn ferliking mei it Westerlauwerske Frysk: *haus* foar Afr. *hūs*, *da* (< **dau?*) foar Afr. *thū*, de mooglike gefallen fan brekking, lykas yn *jeck* < **īk*, wylst oarsom by *siengen* ‘sjonge’ en *biesie* ‘besjoch’ sprake liket fan /i:/ < Afr. *iu* en/of *iā*.

Sokke ûntjouwings binne oars net alhiel sûnder presedint yn it Frysk en Hollânsk. As parallellen kinne neamd wurde de ûntjouwing fan *ū* > *ou* yn wurden as NI. *duwen*, yn Hollânske dialekten *douwen* (De Vaan 2017:392-4), de ûntjouwing fan Wgerm. **iu* > /i(:)/ yn û.o. it Hollânsk (bgl. *vier* ‘fjoer’; De Vaan 2017:454-462), in ûntjouwing dy’t yn beskate konteksten ek yn it Hylpersk en it âldere Molkwarders plakfûn hat (*fier*). In foech ‘brekking’ fan *ȳ* < *ū* ta /iw/ is te finen yn it dialekt fan Skiermûntseach, mei foarmen as *hieuwn*, *bieuwr* ‘hûn, boer’. It Fryske *tûzelje* ‘duizelen, bedwelmd raken’ is yn it Skiermûntseagersk *tieuwzelje*, mei in wat oare betsjutting, ‘heisterje’. Dat *tioese* soe in soartgelikense ûntjouwing as it Skiermûntseagersk sjen litte kinne. Foar alle trije ûntjouwings binne dus typologyske parallellen te finen yn it Frysk of Hollânsk, wat sjen lit dat de foarmen yn de tekst 1643a net perfoarst korrûpt of optocht hoege te wêzen.

4.6 /ø:/ foar /o:/'

De tekst hat trije wurden mei nei alle gedachten /ø:/ foar oars /o:/, of /o.ə/ yn it Frysk. It giet om *beus* ‘boas, kwea, min’, (*fom*) *feouren* *[fœ:rən]? ‘fan foaren’ en *te leure* ‘teloar’. Aldere Westerlauwerske boarnen hawwe yn dy wurden gjin staveringen dy’t op /ø:/ tsjutte, ek net fan Starter of Vlitius.¹⁶ De Vaan (2017:514) jout oan dat de net-palatale foarm *boos* gongber is yn Hollân, mar dat by guon 17e-iuwske Amsterdamske skriuwers, ûnder oaren by Starter(!), de foarm *beus* wol foarkaam. It wurd is yn it Fryske wurk fan Starter of Vlitius net oerlevere. Foarmen as *vuer-* of *veur-* binne gongber by Bredero, Coster en Tegnagel en /fœ:r/ is te finen yn de opjefte foar

16. *Veur-* komt wol foar by Kiliaan, mar dy syn teksten binne earder Stedsk (Van Bree & Versloot 2008:229-30).

Marken en Aalsmeer yn de MAND. Boekenoogen (2004) jout *teleurgaan* foar Nl. *teleorgaan*, yn de betsjutting dy't ek yn it fers bedoeld is (*de tiet die geet to leure*). It Skiermûntseagersk hat *beus*, *feur*.

4.7 <o> foar /ɛ/

Yn de wurden *fo[n]*, *mot* en *wot* 'fan, mei, wat' stiet in <o> dêr't yn it ier-Nijfrysk faak in [ɛ] of in [ɪ] stiet: GJ *fen*, BSw *fin*. Yn de tekst 1643a komt oars ek noch in kear *mit* en *met* foar. In pear ier-Nijfryske auteurs brûke de foarmen *met* en *mit* (ûnder oaren Vlitius). Sokke gefallen fan <o> foar /ɛ/ litte jin wakker tinke oan Súdwesthoekster foarmen as *bo(r)n* 'bern' (Hylpen, Molkwar), *dol* 'del' (Warkum) of *vot* 'fet' (Molkwar). De foarm *fon/von* komt yn it ier-Nijfrysk pas yn 1712 foar it earst foar en it giet oant 1800 mei-inoar om 6 tokens, tsjin mear as 6000 tokens mei benammen *fen*, *fin*. De foarmen *mot* en *wot* komme yn de neamde betsjuttingen yn it Frysk net foar. It soe hjir – as de tekst út Noard-Hollân komt – om in Sudersee-ferskynsel gean kinne.

4.8 Rekking yn iepen wurdlied

In opfallend fonologysk ferskil tusken de taal fan 1643a en it Westerlauwerske Frysk is de omfang fan de rekking yn iepen wurdlied. Yn it Westerlauwerske Frysk binne Afr. /a/ en /o/ net rutsen yn iepen wurdlied as it lûd fan it folgjende wurdlied in /a/ wie. De Afr. /ɛ/ is yn it Nijfrysk hielendal net rutsen yn iepen wurdlied (Versloot 2008:102-128). Yn 1643a binne twa foarbylden fan sokke konteksten, nammentlik: 1643a *wiesen* 'wêze' (mei <ie> út /e:/, ferl. § 4.3), yn 17e-iuwsk Westerlauwersk Frysk altyd *wesse*, Nederlânsk *wezen* /we:zən/ en 1643a *meeckijt* < Afr. *makath*, Wlfr. *makket*. Der binne gjin tsjinfoarbylden. Dit tsjut op in fûndeminteel ferskil yn de histoaryske fonology (ferl. Versloot 2001:769-770).¹⁷

4.9 *mot/mit/met* en *mie*

Opfallend yn de tekst is it kontrast tusken de preposysjes *mot*, *met*, *mit* (elk ien kear) en it bywurd *mie* dat fiif kear foarkomt, beide 'mei'. It Aldfrysk hie in ûnderskie tusken it preposysje *mith* en it bywurd *methe* (ferl. Sealersk *mäd* en *mee*). Yn de Fryske brieven út de 16^e iuw (Gerbenzon 1967) komt *mit/met* noch foar, mar by Bogerman (1542/1551) is it al inkeld *mey/mei*,

17. De tabel 'Abb. 3' yn dat artikel jout noch in ûnfolsleine werjefte fan de sitewaasje yn it Westerlauwerske Frysk.

krekt as yn de Burmania Sprekwurden fan 1614. Der binne yn de Taaldatabank ier-Nijfrysk likernôch 40 gefallen fan *mit* of *met*, tsjin hast 4000 preposysjes *mei(j)*, *mey*, ensfh. Hast al dy 40 gefallen binne te finen by ûnbekende of insidintele auteurs, ûnder oaren by Vlitius, mar net Starter, dy't inkeld *mey* brûkt (n = 58). Insidintele gefallen by Simonides of Fabrycius binne útsûnderingen, tsjin hieltyd in grutte mearderheid *mey/mei* yn beide betsjuttings.

Ik nim dêrom oan dat yn it 16e-iuwske Westerlauwerske Frysk it ferhâldingswurd en it bywurd gearfallen wiene yn *mei*. It is dan nammerste opfallender dat de tekst 1643a in konsekwiint ûnderskied makket, mei foar beide betsjuttingen mear as ien attestasje. De foarmen *mot* en *mie* wike yn har fonology ôf fan wat yn de Amsterdamske teksten út de 17^e iuw bekend is (*mit/met*, *mee*). Dat fersterket de yndruk dat wy hjir mei in autentyk kontrast te krijen hawwe, dat dúdlik fan it Westerlauwerske Frysk ôfwykt.

4.10 *beklet en beklont*

It fers liket der oer te gean dat de ik-figuer yn 'e sûs (*tioese*) rekke is, doe't er op syn faam wachte en dat fan gefolgen de molke yn syn amer *beklet en beklont* is, mei oare wurden, de molke is soer wurden en gearsketten. Yn it Noardhollânsk (Boekenoogen, Pannekeet) komt *kladottertjespap* foar: 'klonterige brij'. Yn it Frysk bestiet ek wol *kladderich* (Nl. 'slijkerig') en *klonterich* (û.o. fan brij).

4.11 *dier*

De foarm *dier* sûnder /j/ is in de 17^e iuw foar it Westerlauwerske Frysk wol bysûnder. Gongbere staveringen binne *djier*, *djer*. By Vlitius en Starter fine wy *djeer*, *diær*. It earste gefal fan *dier* is út 1672 en pas om 1750 hinne wurdt dy foarm gewoan. De foarm *dier* komt wol foar yn ien fan de mooglik Fryske uterings yn Bredero's *Griane: doe Dayvels dier* 'do duvelsk dier'. De foarm *dier* past yn 1643 dus better by Hollân as by Fryslân.

4.12 *fleysch*

Itselde as foar *dier* jildt ek foar de foarm *fleysch*. Nettsjinsteande it feit dat it Nijfrysk de foarm *fleis* hat, komt dy yn 1765 foar it earst foar en set pas yn de rin fan de 19^e iuw echt goed troch. De 17e-iuwske foarmen binne: *flaesk*, *flesck*. Vlitius hat in kear *fleesk*. De foarm *vleysch* is wol de gongbere foarm by de 17e-iuwske Amsterdammers.

4.13 *molle*

It adjektyf *mol* dat besibbe is oan Nl. *mollig* ‘mûtel’, komt al yn it MNW foar, mar net yn it Frysk (wol *mellich*). Dêrmei is it ien fan de wurden dy’t benammen de kant fan Hollân útwize en net nei Fryslân.

4.14 *nit*

It bywurd ‘net’ komt twa kear foar as *nit*. Yn it ‘Waterlandse’ sprekward stiet *naet* en dat is ek de gongbere foarm by GJ en yn de BSw. Starter en Vlitius brûke *naet* en *neet*. De foarm *nit* is yn Fryslân wol gongber yn de Súdwesthoeke yn de 18^e iuw en letter ek, nêst it dan ferâlderjende *naat*.

4.15 *sie*

Yn it fers komt ien kear *sie* foar yn de betsjutting ‘hja’ yn de 3^e pers.sg. froulik. Dy foarm komt oerien mei it moderne Wlfr. *sy*. Yn de 17^e iuw wie ne de foarmen *ja*, *jæ*, *jo* gongber. De foarm *sy* wurdt pas stadichoan yn de rin fan de 18^e iuw oernommen út it Hollânsk, mei de twadde taallearder Starter(!) yn 1618 as in ‘early adopter’. Vlitius brûkt *ja*.

4.16 *siste - sinnen*

Yn strofe 4 is sprake fan “Femke [...] Da siste so swiete tiemme”. De wurden *da siste* passe skoan as ‘do bist’. It notiïdparadigma fan ‘wêze’ is foar in grut part oerlevere:

1.sg. r. 35:	<i>jeck bin</i>
2.sg. r. 26:	<i>da siste</i>
3.sg.	<i>is/jes</i>
1.pl. r. 16:	<i>wie sinnen</i>

De foarm mei *s-* (út Afr. *sind*) komt yn it Frysk fan de 17^e iuw ek noch wol foar yn it meartal, mar is al sterk yn it neigean; sawol Vlitius as Starter brûke it en Gysbert Japicx brûkt it ek inkeldris. De 17e-iuwske Amsterdammers brûke *benne(n)/binne(n)* en *sinne(n)* nêstinoar. In foarm mei *s-* in de 2^e persoan inkeltal is frij unyk. It kin in analogyfoarm wêze, op basis fan it Nederlânske *gij zijt*. De MAND jout ien kear [du siːst] foar Vriezenveen.

4.17 *swickerig*

It wurd **zwickerig/swickerich* komt net foar yn de wurdboeken en korpora fan it Frysk en Nederlânsk. By Boekenoogen is it tiidwurd *zwikken*, by Pan-

nekeet *swikke* ‘tútsje’ te finen. It wurd *swickerig* betsjut dus ‘tuterich’, lykas yn *swickerige beck* ‘tuterige mûle’. It wurd wiist nei Noard-Hollân.

4.18 *tenge*

Yn it fers is sprake fan *spieljen oppe tenge* ‘spylje op de tange’. Dy kollokaasje is yn it Frysk ûnbekend, mar it WNT jout him al en hy dûkt nota bene sels op yn de klucht fan Coster, *Teeuwis de Boer*: “Sy spelen op een roeste tangh...”. Dat idioom liket ek benammen Hollânsk en net Frysk te wêzen (ferl. § 3.2). Miskien spilet yn dit gefal ek noch in fallyske bygedachte mei.

4.19 *tioegen*

De foarm *tioegen* foar ‘tsjin’ is in hapaks yn it korpus ier-Nijfrysk. Allinnich de foarm *tjeugen* fan Vlitius liket dêr op (der binne gjin oare attestasjes fan ‘tsjin’ by him). Yn de Hollânske kluchten fine wy *tegen* en *teug(h)en*. Dat lêste is ek de gongbere foarm yn de lettere Hollânske dialekten. *Tjeugen* komt yn de DBNL noch in kear foar yn in stik út Oudenaarde (België) fan 1886. De foarm is dúdlik net Frysk.

4.20 *wender*

It tiidwurd *wanderje* is yn it Frysk wol bekend en betsjut itselde as Nederlânsk *wandelen*: “[...] wandir wijslijk sjoeg tyge foruyt” (1778i), “[...] en wandere it sté op.” (WFT, s.v. *wanderje*). Mar yn it fers 1643a betsjut it earder ‘ferbliuwe, tahâlde’: *So jern jeck bie heer wender* ‘sa jerne ik by har tahâld’ (r. 12). Dy lêste betsjutting wurdt ek neamd yn it MNW (s.v. *wanderen*, betsjutting 3): “Wonen, leven, zich ophouden” en it WNT (s.v. *wanderen*, betsjutting 4a): “Verkeeren (op een bep. plaats, in een bep. gezelschap of in een bep. toestand)”. De twa foarbylden yn it WNT komme fan Dirck Adriaensz. Valcooch, skoalmaster yn Barsingerhorn en letter notaris yn Skagen, en Bredero, de Amsterdamske dichter bekend om syn dialektgebrûk. Ek yn Starters *Friesch Pastorel* (1621a) wurdt it yn dy betsjutting brûkt: “HOe komt Jetske/ sis het my / Dat ick fijn alline dy / Te wændre/ te wændre?” Al mei al in typysk Noard-Hollânske betsjutting.

4.21 *wot*

De foarm *wot* is net inkeld nijsgjirrich om it lûd, mar ek om de bylûden. Nettsjinsteande it Nijfryske foarnamwurd *wat*, hat it 17e-iuwske Westerlauwerske Frysk *het/hat/hot* < Afr. *haet*, in typysk Westerlauwersk Frysk

ûntjouwing fan Afr. *hwat*. Vlitius brûkt wol al *wat*, nêst *het*, Starter inkeld *het*. Lykols bliuwt *wat* in minderheidsfoarm oant let yn de 18^e iuw en alle brûkers oant 1671 binne insidintele skriuwers, lykas Vlitius. De foarm *wot* ynstee fan *wat* is yn de Fryske kontekst in unikum. As rûne fariant fan it Saanske en Wetterlânske *wet* past it wer goed yn Noard-Hollân (sjoch § 4.7).

4.22 Unfryske foarmen

Der binne ferskate oare foarmen yn de tekst te finen dy't op essinsjele punten fan de Fryske lûdskiednis ôfwike en perfoarst ûnfrysk binne. De opfallendste twa binne *ender* – *oar*, *ons* – *ús*. Ferlykje foar *ender* de foarm *ferændre* 'feroarje' by Starter (1621a). De foarm *ons* is nammerste opmerkliker om't *uis* yn Marken en oan de Saan earder noch wol bekend wie en as *uys* ien kear opdûkt yn Bredero's *Griane*, nêst oars altyd *on(g)s*. Moolk is yn *ons* sprake fan in flater foar **ous*, dat ek yn it ier-Nijfrysk noch wolris brûkt wurdt en dêr nei alle gedachten *[u:s] werjout. Yn 1643a soe in **ous* ek foar *[aus] stean kinne (tink oan *haus* foar 'hûs', sj. § 4.5). Yn de teksten fan de hân fan Vlitius ferskynt ien kear *ons* en fjouwer kear *ous*. Dy lêste stavering komt by Vlitius en Starter ek wol foar en it is ek de normale foarm yn *Waatze Gribberts Brulloft* (1701). Mei de iene attestasje yn 1643a falt net út te meitsjen hoe't de foarm *ons* yn 1643a ynterpretearre wurde moat.

4.23 Utspraakstavering

Der binne ferskate gefallen yn de tekst dy't der út sjogge as in foech útspraakstavering. Sa wurde klitika geregeld oan it foarôfgeande wurd fêstskreaun (yn it ier-Nijfrysk oars ek net ûngewoan):

bieer 'by har'; *jecker* 'ik der'.

Opfallender noch binne sandhiferskynsels, lykas assimilaasje, einûntstimming en weilittings dy't yn 'e regel komselden stavere wurde:

fom feouren 'fan foaren' mei assimilaasje fan de /n/ oan de folgjende labiaal; apokope fan einichste /t/ yn *mo* (r. 20), *da* (r. 47) foar **mot*, **dat*; einûntstimming yn *tiet* 'tiid', *stet* 'stêd'.

Soks kin der op tsjutte dat de tekst skreaun is troch ien dy't net wend wie Frysk te skriuwen en net in wurdbyld fan de taal hie. Dat past by de hypoteze dat it Frysk út Noard-Hollân is, want dat waard net folle skreaun, dêr't

ik sa'n wurd om sis. Benammen de einûntstimming is opfallend, om't dat yn it Westerlauwerske Frysk pas om 1900 echt trochset (Hoekstra 2001:731).

4.24 Synopsis

Hjirboppe binne benammen dy skaaimerken behannele dy't ôfwike fan it gongbere Frysk fan de 17^e iuw. Ik fetsje hjirûnder gear mei hokker oare boarnen oft der oerienstimming is: mei de taal fan de Hollânske Fryskskriuwers út de 17^e iuw, Starter en Vlitius, mei de dialekten fan de Súdwesthoeke, benammen út de 17^e en 18^e iuw, of mei it Noardhollânsk:

Fariëteit	Ferskynsels
Vlitius en Starter	VI.: syntaktysk kontrast tusken <i>mit</i> en <i>mey</i> ; 1643a hat <i>mit/met/mot</i> en <i>mie</i> ; VI. & St.: <i>sinne</i> , 1643a hat <i>sinnen</i> ; VI. <i>tjeugen</i> ; 1643a hat <i>tioegen</i> ; VI. <i>wat</i> ; 1643a hat <i>wot</i> ; VI. <i>ons</i> , VI. & St. <i>ous</i> ; 1643a hat <i>ons</i> dat mooglik stiet foar * <i>ous</i> ; St. <i>wændre</i> , <i>ferændre</i> ; 1643a hat <i>wender</i> , (<i>jen</i>) <i>ender</i> .
Súdwesthoeke	<o> foar Aldfrysk /ɛ/ en /ɪ/; <i>nit</i> 'net'; /ɛ/ foar Aldfrysk /a/; Molkwar: /e:/ foar Aldfrysk /a:/ en /a/ yn iepen wurdlied; Hylden: histoaryske anlautrekking yn 'is' en 'ik': <i>ys</i> , <i>yk</i> ; 1643a hat <i>jes</i> , <i>jeck</i>
Skiermûntseach	/ø:/ foar Afr./Mndl. /o/ yn iepen wurdlied; /iw/ út /y:/ < Aldfrysk /u:/: Skm. <i>tieuwzelje</i> ; 1643a <i>tioese</i> < Afr. * <i>tūz-</i> ; ferkoarting and ferleging fan Afr. /u:/ yn 'do': Skm. <i>dò</i> ; 1643a <i>da</i> .
Hollân	<ie> foar Afr./Mndl. /i:/ en /e:/ út âlder /ɛ/ yn iepen wurdlied; /ɛ/ foar Afr./Mndl. /a/; /e:/ foar Afr./Mndl. /a:/ en /a/ yn iepen wurdlied; /ø:/ foar Afr./Mndl. /o/ yn iepen wurdlied; Saansk/Markers <i>wet</i> , dat oan 1643a <i>wot</i> besibbe wêze kin (mei <i>o</i> < <i>e</i>); syntaktysk kontrast tusken <i>mit/met/mot</i> en <i>mie</i> ; leksikon/idioom/fonologysk: <i>dier</i> , <i>ender</i> , <i>fleysch</i> , <i>molle</i> , <i>ons</i> , <i>sie</i> , <i>sinnen</i> , <i>swickerig</i> , <i>spieljen oppe tenge</i> , <i>wender</i> ; einûntstimming, bgl. <i>stet</i> , <i>tiet</i> .
(Hast) unyk	<je> foar Frysk of Hollânsk /ɪ/; <i>tioese</i> , <i>haus</i> , <i>siengen</i> , <i>tioegen</i> ; 2 ^e persoan iental 'wêze': <i>siste</i> .

It is dúdlik dat netstjinsteande in pear oerienkomsten mei it Frysk fan Vlitius en Starter, fierwei de measte oerienkomsten te finen binne mei it Noard-

hollânsk. De oerienkomsten mei Vlitius en Starter binne ek allegear Hollannismen, wat te ferwachtsjen falt by Hollanners dy't Frysk leare.

5. *Diskusje en konklúzje*

It docht bliken dat de tekst ûnder nûmer 1643a yn de Taaldatabank ier-Nijfrysk in soad aparte foarmen befettet dy't yn net ien Westerlauwersk Fryske tekst út dat tiidrek foarkomme. Der sitte tagelyk genôch foarmen tusken dy't Frysk binne, bygelyks sterk markearre foarmen as *fermeytse* of swakke tiidwurden klasse II (*spieljen*, *meeckijt*). Dat wiist der neffens my op dat wy hjir mei in Fryske fariëteit te krijen hawwe. Nêst guon unike ferskynsels sit de tekst grôtfol mei Hollannismen. It binne net sa lyk dominante, produktive foarmen fan Hollânsk, mar mear ferskynsels dy't yn de dialekten fan de 19^e en 20^e iuw yn it neigean binne, lykas de /ɛ/ foar /a/ en de <ie> foar /e:/ of dialektale wurden as *zwicken* 'tútsje'. Utgeande fan it plak fan printsjen Amsterdam, de grutte ferskillen mei it Frysk út Fryslân, de grutte mannichte oerienkomsten mei Hollânske dialekten en de ferwizingen nei it Noardhollânske *kweesten*, doar ik de stelling oan, dat wy hjir te krijen hawwe mei in tekst dy't skreaun is yn it Frysk fan Noard-Hollân.

De oerienkomsten mei Starter of Vlitius binne beheind en de ferskillen tagelyk te grut om te tinken dat ien fan harren dit skreaun hawwe soe, al is de yn Middelburch berne Vlitius mei syn *wat* (1643a *wot*), *mit*, *tieugen* (1643a *tioegen*), syn *ons* en *ous* foar 'ús' dan noch altiten de wierskynlikste fan de twa. As it Vlitius west hat, dan is syn Frysk yn dit fers folle beroerder as yn syn oare teksten (dy't soms ek nuver binne) en binne der nettsjinsteande de opfallende oerienkomsten ek opfallende ferskillen tusken de teksten. Boppedat is ûndúdlik hoe't in stik fan syn hân, sammele yn 1643 op in reis troch Fryslân dan yn itselde jier al yn in yn Amsterdam útjûne bondel lieten bedarje soe. It leit mear yn 'e reden om de oerienkomsten te beskôgjen as in gefolch fan de Hollânske konneksjes dy't der bestiene: foar Vlitius persoanlik, foar 1643a geografysk.

It idee dat in Noardhollanner yn de 17^e iuw besocht hawwe soe Westerlauwersk Frysk te skriuwen, al wie it ek mar as gekoanstekkerij, achtsje ik net botte wierskynlik. Ferskate Hollânske dialektismen yn de tekst, lykas de /ɛ/ en /e:/ foar Nederlânsk /a/ en /a:/, wiene net gongber yn Amsterdam, dêr't de bondel ferskynd is en sa'n auteur dan yn it foarste plak te sykjen wêze soe, al is dat net twingend. De taalkundich unike ferskynsels moat sa'n skriuwer optocht hawwe, wat in soad taalkundich ynsjoch yn it Frysk en Hollânsk fan dy tiid fergje soe. Itselde jildt foar de oerienkomsten mei it

Frysk fan de Súdwesthoeke en it Skiermûntseagersk. Ek de gefallen fan útspraakstaving pleitsje yn myn eagen net foar in bewust optochte taal.

As dit dan Hollânsk Frysk is, dan kinne wy yn alle gefallen ek noch ferlykje mei it bytsje dat wy tinke te witen oer dy taal. De oerienstimming dêrmei falt ôf. Fan de 16 rekonstruearre wurden yn Versloot (2003:37) bliuwe sân oer om sinfol te ferlykjen. Wy jouwe hjir de wurdpearen mei nei-inoar earst it wurd neffens Versloot (2003) en dan de wjergader yn 1643a: *dier* – *dier* ‘dier’; *doe* – *da* ‘do’; *ick* – *jeck* ‘ik’; *naet* – *nit* ‘net’; *soch* (hitende foarm) – *-sie* ‘sjoch (1^e persoan iental notiid); *uys* – *ons* ‘ús’; *wet* – *wot* ‘wat’.

Inkeld by *dier* is der in folsleine oerienstimming, dy’t mei it each op Nederlânsk *dier* ek wer net safolle betsjut. De foarmen *wet* en *wot* binne nei alle gedachten nei besibbe om’t *wot* fan **wet* liket te kommen. De wakker Fryske foarmen *naet* en *soch* fine wy yn 1643a net werom en mei *da* en *jeck* foar ‘do’ en ‘ik’ hat de tekst fan 1643 in pear hiel apartige foarmen. Dochs falle de ferskillen ek wer ta. Yn it Súdwesthoeksk fan de 18e iuw komme *naat*, *naet* en *nit* ek nêstinoar foar. Yn 1643a komt nêst *jes*, mei brekking, *is* ek foar, dat wêrom soene *ick* en *jeck* net as farianten bestean kinne yn ien dialekt, bygelyks op basis fan klam? Ferlykje Wlfr. [vɛːi], [mɛːi], [dɛːi] ‘wy, my, dy’, mei fertwilûde Afr. /iː/, nêst [vi], [mi], [di] mei in koart lûd yn ûnbeklamme posysje (Tamminga 1985). Krektsa kinne *doe* as beklamme foarm (brûkt as fokatyf yn Bredero’ *Griane*) en *da* *[da] yn ûnbeklamme posysje nêstinoar bestean.¹⁸

It Wlfr. hat *sjoch* sawol as ymperatyf as 1^e pers. sg. notiid, mar it Sealtersk hat *iek sjo*, *hie sjugt* ‘ik sjoch, hy sjocht’, mei *sjug!/sjo!* as hitende foarmen (Fort 2015:805). In Frysk dialekt yn Noardhollân kin skoan in 1^e pers. sg. notiid *sie* < Afr. *siā* (ferl. Sealtersk *sjo*) hawwe, nêst in hitende foarm *soch* (ferlykje Sealtersk *sjug*). De <ie> in *sie* kin hiel goed werom gean op in Aldfryske /iaː/; ferlykje it ferskaat oan ûntjouwings yn it Westerlauwersk Frysk: *biede*, *tsjinje*, *leaf* < Afr. *biāda*, *thiānia*, *liāf* (Århammar 1969). It iennichste wat dan oerbliuwt is it lienwurd *ons*, in foarm dy’t de Frankysk-Noardhollânske fariëteiten fan Waterland en de Saan net iens hawwe, mar bgl. it Westfrysk al. As <ons> in fersin is foar **ous*, dan bliuwt it ferskil mei *uys* yn palatalisearing oer.

18. Yn it begjin fan rigel 26 leit de klam op ‘*siste*. It Skiermûntseagersk hat *dò* [do] as algemiene foarm, dy’t ek op de ûnbeklamme foarm werom gean moat (ferlykje foar de ûntjouwing fan einichste Afr. /uː/ yn it Skiermûntseagersk *kú*(*beest*) ‘ko’). Krektsa binne de Wâldfryske foarmen fan *my*, *dy*, *wy* ensfh. ûntstien út ûnbeklamme farianten.

Ek as wy dy niisneamde ferskillen net samar oersljochtsje wolle, dan hoege de ferskillen tusken de ûnderskate boarnen jin net fuort te fernuverjen. In ferlykbere sitewaasje fine wy yn East-Fryslân, dêr't yn deselde snuorje sprake wie fan in Frysk taalgebiet dat útinoar bruts. De ôfstân tusken Upgant en Stedesdorf is mar 35 km en tusken Upgant en Strücklingen likernôch 60 km, mar de taal yn it brulloftsfer fan Imel Agena (Upgant), yn it Memoriale fan Cadovius-Müller (Stedesdorf) en it oerlevere Sealterfrysk ferskille behoarlik faninoar, om mar te swijen oer it útwrydske Frysk fan Land Wursten. Yn Noard-Fryslân binne de ferskillen oer lytse ôfstannen moolk sels noch grutter (sjoch it oersjoch yn de Taheakke I).

De kontekstuele ynformaasje oer it *kweesten* en de fersprieding dêrfan yn de twadde helte fan de 17e iuw yn Noard-Hollân wiist mooglik op in wat noardliker komôf mar krekt foar de earste helte fan de 17e iuw is dat wer minder wis. Mooglik jout de tekst fan 1643a it Frysk fan de 17^e iuw wer sa't dat yn it noarden fan Noard-Hollân praat waard. Wy witte ommers fan Dirck Adriaensz. Valcooch (ferlykje 4.20) dat yn de omkriten fan Skagen (doe hast oan 'e kust) oan 'e ein fan de 16^e iuw yn alle gefallen noch Frysk praat waard (boarne werjûn yn Boekenoogen 1897:VI):

*Noch huydendaechs alsoo wert ghesproken
Half Vries, half Engels by woorden ghebroken*

Alles mei-inoar konkludearje ik dat de tekst *Myn Liaf is een soo swieten dier*, foar it earst útjûn yn Amsterdam yn 1643, eins net op in realistyske wize yn de provinsje Fryslân te plak brocht wurde kin en dat de rige Noard-hollânske ferskynsels yn de tekst en de kontekstualisearring fan de ynhâld (*kweesten*) it wierskynlik meitsje dat de tekst in seldsum spesimen fan it Frysk westlik fan it Fly is. Op grûn fan de ferskillen mei de Fryske fragminten by Roemer Visscher en Bredero liket Wetterlân fuort boppe Amsterdam net as earste yn 'e beneaming te kommen, mar de auteur soe skoan ôfkomstich wêze kinne út plakken as Jisp, Assendelft of justjes fierder noardlik, de omkriten fan Skagen.

6. English Summary

It is well known from historical descriptions, onomastic material and substratum evidence in North Holland that the region was originally Frisian-speaking in the early Middle Ages and that Frisian only gradually died out there (De Vaan 2017:23-38). Apart from a few linguistic fragments from the Waterland region north of Amsterdam, no written attestation of the lost Frisian dialects of Holland has so far been found (Versloot 2003). Yet, the text

labelled *1643a* from the corpus of early Modern West Frisian texts exhibits a number of remarkable features, which allows us to conclude that its provenance is the present-day region of North Holland, rather than the province of Friesland.

The text was first printed in 1643 in Amsterdam in a song book, and was addressed to the ‘young ladies of Amsterdam’. The verse does not contain a source or origin and nothing in it nor in the edition suggests any link to the province of Friesland. Some parts of the text are difficult to read (technically or linguistically) and the reprints from 1645 and 1649 offer some alternative interpretations. The reconstructed text is given in § 2.2, with a (technical) English translation in the Appendix (‘Taheakke’) II.

The poem is a typical love song with obvious collocations that can be found throughout contemporaneous verses and poems, such as the collocation *swieten dier*, Dutch *zoet dier* ‘sweet creature’, which is very popular exactly in the early 17th century, also in Dutch texts (Figure 1, § 3.3). The text contains quite some sexual allusions, which was not uncommon in those days; compare, e.g., the comedy *Klucht van Frick in ’t veur-huys* (Tengnagel 1642). In the song, a lover describes the desire for his lady friend and it seems to refer in particular to the custom of *kweesten* (“to quest”), which is described for North Holland in the 17th century. This meant that a girl could leave an open door or window in the house (*leck* – a term that appears both in the text and is explicitly mentioned in other sources in relation to the ‘quest’-custom) for her lover, so that he could visit her and spend the night with her. In the poem, the lover expresses his disappointment about the fact that he has to wait outside the house.

Linguistically the text is a mixture of three categories of features: unambiguously Frisian features, which secure its interpretation as a Frisian text, features that differ from any form of – especially 17th century – West Frisian (WF[17]), and features that are connected to (North) Holland.

Unambiguously Frisian features include (§ 4):

- 1643a *liaf* ‘dear’ – WF *leaf* < *ljeaf* – Dutch (Du) *lief*, with accent shift in the product of PGmc. **eu*;
- 1643a *swiet* ‘sweet’ – WF *swiet* – Du *zoet*, with *i*-mutation and unrounding;
- 1643a *sies* ‘(I) say’ – WF *sis* – Du *zeg*, with palatalisation and assibilation of PGmc. **gj*: **sagjan*-.
- the existence of a second class of weak verbs, marked by the element *-j-*: 1643a *spieljen* ‘to play’ – WF *spylje* – Du *spelen*;
- lexical items such as 1643a *femke* ‘girl’ – WF *famke* – Du *meisje*.

The following features differ profoundly from what is found in West Frisian varieties:

- long vowels as a result of open syllable lengthening in contexts that exhibit short vowels in West Frisian, e.g. 1643a *wiesen* ‘to be’, WF17 *wesse*, Du *wezen* /we:zən/; 1643a *meeckijt* ‘(he) makes’ < Old Frisian (OF) *makath*, WF *makket* (§ 4.8);
- the lexical contrast between the preposition and adverb ‘with’: 1643a prep. *mot/mit/met* vs. adv. *mie* < OF *mith* - *methe*, Du prep. *met* vs. adv. *mee*; WF prep. = adv. *mei* (§ 4.9);
- the form 1643a *wot*, Waterland Frisian *wet* < OF *hwet*, WF17 *het,hat,hot*. The loss of /w/ in these clusters is a typically West Frisian development (Bremmer 2009:115), e.g. WF *hok* ‘which’ < OF *hwelik* (§ 4.21).

The strongest indications of the Hollandic origin of the text, evinced by parallel forms or developments in Franconian Hollandish varieties, are the following features:

- the widespread development of earlier Old Frisian or Middle Du /a/ and /a:/ to /ɛ/ and /e:/, such as in 1643a *ender* ‘other’ < Du *ander* (WF *oar* < OF *ōther*), 1643a *tenge* ‘tongs’ < OF *tange*, WF *tange*, 1643a *geen* ‘to go’ < OF *gān*, WF *gean* (§ 4.2);
- early application of final devoicing: *stet* ‘city’, *tiet* ‘time’ < OF *stede*, *tīd*; final devoicing appears in West Frisian only in the early 20th century (§ 4.23);
- lexical phenomena, such as many loanwords, unknown in Friesland of the time or later, such as: 1643a *swickerig* ‘kissy’, related to NHoll. *zwikken/swikke* ‘to kiss’, unattested in West Frisian and any other Dutch dialect; *fleysch* ‘meat’ and *sie* ‘she’, which appear in West Frisian more than two centuries later (*fleis*, *sy*, replacing *flesk*, *hja*); *molle* ‘chubby’ < Middle Du *mol*, absent in West Frisian; the specific meaning of *wender(en)*: ‘to stay, to dwell’; various loans, such as *ender* ‘other’ < Du *ander*, WF *oar*; *ons* ‘us’ < Du *ons*, WF *ús*; *tioegen* < Du (dial.) *teugen*, WF *tsjin/jin*.

When it comes to interpreting these features, one needs to bear in mind that there is always the possibility that we are dealing here with some kind of intentional or non-intended mixture of Dutch and West Frisian. However, the text displays various phenomena which could not be borrowed from any other known variety, but which seem to be implemented fairly consistently from a diachronic-phonological perspective. The most outstanding phenomenon is one that looks like breaking of an earlier /i:/ from various sources to /jɛ/, as in 1643a *jeck* ‘I’ < **īk* < OF *ik*; 1643a *jer* ‘here’ < OF *hīr*; 1643a *jes* (next to *is*) ‘is’ < **īs* < OF *is*. Forms derived from earlier **īk* and **īs* are also found in the West Frisian dialect of Hindeloopen. Also the form *tioese* ‘gid-

diness', which can etymologically be compared to the Schiermonnikoog Frisian verb *tieuwzelje* 'to hassle', is a formation that is not likely to be invented, as it has no obvious parallels in other forms of West Frisian or in Dutch and Hollandish dialects.

The accumulation of evidence, namely:

- the origin of the verse in a book, printed in Amsterdam, dedicated to an Amsterdam audience;
- the apparent references made to the custom of *kweesten*, which was described in a contemporaneous publication as a typically North Hollandish phenomenon, including the appearance of the lexical term *leck* 'leak, opening' in this very context;
- the unambiguously Frisian linguistic features;
- the linguistic and lexical features which are totally absent in any attested stage of post-mediaeval West Frisian;
- the linguistic and lexical features with direct parallels in the dialects of North Holland;
- the linguistically fairly consistent application of various features, that do not fit an invented language;

brings me to the conclusion that this text was written in a local variant of the Frisian language which developed from Old Frisian in Holland in the period between the early Middle Ages and the 17th century.

Universiteit van Amsterdam / Fryske Akademy

LITERATUER

Printe publikaasjes (de measte âldere boarnen binne ek te finen yn de DBNL)

Anonym. 1795². *De vrolyke openhartige minnaar*. Amsterdam: S. en W. Koene.

Århammar, Nils R. 1969. Die friesischen Wörter für "Rad" ("Wheel"). *Kopenhager Germanistische Studien, (Prof. dr. Peter Jørgensen anlässlich seinen 70. Geburtstages am 12-9-1969 gewidmet)* 1. 35-84.

Boekenoogen, G. J. 1897. *De zaansche volkstaal: Bijdrage tot de kennis van den woordenschat in Noord-Holland*. Leiden.

Boekenoogen, Gerrit Jacob. 2004². *De Zaanse volkstaal*. Wormer: Stichting Uitgeverij Noord-Holland.

- Boer, Bernardus de. 1950. *Studie over het dialect van Hindeloopen*. Assen: Van Gorcum.
- Böning, Hermann, Jürgen Lange, Hans-Joachim Mews & Dieter Stellmacher. 1998. *Plattdeutsches Wörterbuch für das Oldenburger Land*. Oldenburg: Isensee.
- Bredero, Gerbrand Adriaensz. 1616. *Griane*. (ed. F. Veenstra). Tjeenk Wilink-Noorduijn, Culemborg 1973.
- Bree, van, Cor & Arjen Pieter Versloot. 2008. *Oorsprongen van het Stadsfries*. Ljouwert: Afûk.
- Bremmer Jr, Rolf H. 2009. *An Introduction to Old Frisian: History, Grammar, Reader, Glossary*. Amsterdam: John Benjamins.
- Brouwer, J. H. 1965. It Makkumer Frysk yn 'e 18de ieu. *Makkum. Sier en sied fan Wûnseradiel*. 53-66.
- Coster, Samuel. 1627. *Teeuwis de boer en men juffer van Grevelinckhuysen; [...]int jaere 1612 ghespeelt [...]*. Amsterdam: C.L. vander Plasse.
- Dardanelli, Jaques. 1683. *Historie der Queesters, Op de Noorder Eilanden van Holland gebruikelik; Met de voornaamste Practijken en Aankleeven van dien [...]* Queestendam [i.e. Amsterdam]: Kreelis Meliszen.
- Dyk, Siebren. 2005. Historisch overzicht van de bestudering van het Schiermonnikoogs. *It Beaken* 67(3/4). 165-211.
- Feitsma, Antonia. 1956. *Frysk út de 17de ieu: teksten en fragminten*. (Estriken 15). Grins [Groningen]: Frysk Ynstitút oan de Ryks Universiteit.
- Fort, Marron Curtis. 2015. *Saterfriesisches Wörterbuch mit einer phonologischen und grammatischen Übersicht*. Hamburg: Buske.
- Frederiks, J.G. & F. Jos. van den Branden. 1888. *Biographisch woordenboek der noord- en zuidNederlandsche letterkunde. 2e omgew. dr.* Amsterdam: L.J. Veen.
- Gerbenzon, P. 1967. *Friese brieven uit de vijftiende en zestiende eeuw*. Estriken 42. Grins: Frysk Ynstitút oan de RUG.
- Ginneken, Jacobus Johannes Antonius van, A. Weynen & M. van den Hombergh-Bot. 1954. *Drie Waterlandse dialecten*. Samson.
- Grijp, Louis Peter. 1992. De Rotterdamse Faem-Bazuyn. De lokale dimensie van liedboeken uit de Gouden Eeuw. *Volkskundig bulletin* 18. 23-78.
- Haks, Donald. 1985. *Huwelijk en gezin in Holland in de 17de en 18de eeuw*. Utrecht: HES Uitgever.
- Hoekstra, Jarich. 2001. An Outline History of West Frisian. In Horst Haider Munske (ed.), *Handbuch des Friesischen / Handbook of Frisian Studies, 722-734*. Tübingen: Max Niemeyer.
- Kloosterman, Simke. 1976². *Hengist en Horsa*. Boalsert: A.J. Osinga.

- Minssen, Johann Friedrich. 1854. Mittheilungen aus dem Saterlande. In Heinrich Georg Ehrentraut (ed.), *Friesisches Archiv. Beiträge zur Geschichte der Friesen und ihrer Sprache, auch der Grafschaften Oldenburg und Delmenhorst.*, vol. II, 135-227. Oldenburg: Rudolf Schwarz.
- Pannekeet, Jan. 1990. *Westfries woordenboek*. Wormerveer: Stichting Uitgeverij Noord-Holland.
- Pannekeet, Jan. 1995. *Het Westfries - Inventarisatie van dialectkenmerken*. Wormerveer: Stichting Uitgeverij Noord-Holland.
- Saeghman, Gillis Joosten (ed.). 1643. *Het Eerste Deel Van d' Amsteldamsche Minne-zuchjens, op verscheyde nieuwe wijsjes. ...* Amstelredam: Schult-Boeck.
- Scheltema, Jacobus. 1832. *Volksgebruiken der Nederlanders bij het vrijen en trouwen*. Utrecht: J.G. van Terveen en zoon.
- Tamminga, Douwe Annes. 1985. Binne wi-praters allinne Wâldtsjers? *Kantekers: fersprate stikken oer taal en literatuer*, vol. 67, 129-131. (Rige Estrikken Rijkuniversiteit Groningen, Frysk Ynstiút). Grins [i.e. Groningen]: Frysk Ynstiút.
- Tengnagel, Mattheus Gansneb. 1642². *Klucht van Frick in 't veur-huys*. Amsterdam.
- Vaan, de, Michiel. 2017. *The Dawn of Dutch. Language Contact in the Western Low Countries before 1200*. Amsterdam: Benjamins.
- Veen, K. F. van der & R. de Boer. 1984. *Wurdboek fan de Fryske taal = Woordenboek der Friese taal*. Ljouwert [Leeuwarden]: Fryske Akademy & De Tille.
- Versloot, Arjen Pieter. 2001. Vergleichende Aspekte friesischer Lantgeschichte (76). In Horst Haider Munske (ed.), *Handbuch des Friesischen / Handbook of Frisian Studies*, 767-775. Tübingen: Max Niemeyer.
- Versloot, Arjen Pieter. 2003. Fries in Holland in de 17e eeuw. *Taal en Tongval* 55(1). 1-40.
- Versloot, Arjen Pieter. 2008. *Mechanisms of language change: vowel reduction in 15th century West Frisian*. Utrecht: LOT.
- Versloot, Arjen Pieter. 2012. Westgermaans *ē¹ in het Noord-Hollands: een Ingweoonse mythe? *It Beaken* 74(1/2). 100-121.
- Zuidema, W. 1906. Een onbekend Friesch minnelied. *De Vrije Fries* 20. 320-322.

DIGITALE BOARNEN

DBNL. dbnl digitale bibliotheek voor de Nederlandse letteren. *DBNL*. <http://www.dbnl.org/> (1 March, 2018).

Goeman, A. C. M., Johan Taeldeman & Piet van Reenen. 1980. MAND database. <http://www.meertens.knaw.nl/mand/database/> (1 April, 2018).

INT. Geïntegreerde Taalbank. *Historische woordenboeken op internet*. gtb.inl.nl.

Meertens Instituut. Nederlandse Liederbank. <http://www.liederenbank.nl/> (1 March, 2018).

Taaldatabank 1.0. 2006. – mei bydragen fan Derk Drukker, Jogchum Reitsma, Arjen Versloot en Willem Visser. *Language Database*. <http://194.171.192.245:8020/tdbport/> (1 April, 2018).

Taheakke I

Ferliking fan it dialektferskaat yn Eastfryslân (Sealterlân, Harlingerlân) mei it mooglike ferskaat yn it Frysk fan Noard-Hollân yn de 17^e iuw. De griistinten jouwe oerienkomsten oan.

Lemma	Wetterlân	1643a	Sealterlân	Harlingerlân
dier	<i>dier</i>	<i>dier</i>	<i>díert</i>	<i>[wucht]</i>
do	<i>doe</i>	<i>da</i>	<i>du</i>	<i>du</i>
ik	<i>ick</i>	<i>jeck</i>	<i>iek</i>	<i>ick</i>
net	<i>naet</i>	<i>nit</i>	<i>nit</i>	<i>nat</i>
sjoch! / ik sjoch	<i>soch! / ?</i>	<i>? / -sie</i>	<i>sjug, sjo! / sjo</i>	<i>schia! / ?</i>
ûs	<i>uys</i>	<i>ons / *ous</i>	<i>uus</i>	<i>uhs</i>
wat	<i>wet</i>	<i>wot</i>	<i>wät</i>	<i>wit (wat)</i>

Taheakke II: English translation of the poem

Note: this translation does not have any other aim than making the Frisian text comprehensible and interpretable to those unable to read Frisian. Literaral and cognate translations are preferred over English stylistics.

My love is such a sweet creature / such a well-rounded, bulging girl
 I wished I were always with her / such a kissy, sweet *Tsjamke*
 That I with her /... / can be, that is my desire
 My kissy, beautiful lamb

Tsjamke, she is so proud and kind / so ‘wordly’, so tidy and so smart
 Not too meagre and not to fat / so gladly I dwell with her
 Were I with her /... / I say to her and she to me
 How similar we are to each other

When I see her house from the front / I can be so amused
The f*! How I stand here so alone / If I stood there, I [would] have to keep awake
The snooze, it comes /.../ my milk in my bucket clots and clabbers
How shall I reach you again? (or: splash you even wetter?)

Girl, my love, my kissy mouth / you are such a sweet *Tsjamme*
Sit upright, your bucket is leaking / and let us stop the leak
Do you want to join (me) to the city? /.../ At *Hinne's* and *Griet's* and *Kruck's* and at *Tet's*
We will dance and 'play the tongs' (= make a lot of noise)

If I consider another girl / I cannot even think about it
I would stand as if I were an ox / I cannot (or: can hardly) give her love
But when I (am) with you /.../ it is nothing else than bull's flesh on me
With singing, playing and dancing

Princess, I must stand here alone / the time is going lost (passing by)
Immediately, we will go to the inn / and dance with each other
What the fiddler plays /.../ but if he performs so badly that I will be bored
(or: but if he performs so diligently that I will be aroused)
I will attack (some)one with my knife

THE END.